



90 jier

FOAROPWURD



‘By ús kinst ús passy foar it fak net los sjen fan de passy foar it Frysk. As wy nije minsken oannimme, is dat ek ien fan de belangrykste kritearia. Moatst wat mei it Frysk ha, oars wurdst hjir net lokkich.’

Koen Eekma praat út eigen ûnderfining. As ‘Sneker jonge’ is er troch syn ferkearing mei in boeredochter fan Teroele pas yn syn studentetiid Frysk begûn te praten. Mar it waard wol in passy foar it libben.

Nei 27 jier hat er op 1 febrewaris 2018 ôfskied nommen as direkteur fan de Afûk. 2018 is ek it jier dat de Afûk syn 90-jierrich bestean fiert. Dat liket in gaadlik momint foar in lytse ynventarisasje: hoe hat de organisaasje him yn dy 27 jier ûntjûn? En: wêr stiet de Afûk anno 2018?

Yn ‘it tiidrek Koen Eekma’ hat de Afûk besteande taken fiks útwreide. Dêrneist hat it provinsjaal bestjoer fan de organisaasje in oantal nije taken frege. Ien fan dy nije taken is de promoasje fan it Frysk. Fanút it spesjaal dêrfoar oprjochte Stipepunt Frysk wurkje Afûk-meiwurkers mei alderhanne kampanjes al 20 jier oan de ferbreiding fan it draachflak foar it Frysk. Dêrmei is de taalpromoasje útgroeid ta ien fan de trije poaten dêr’t de Afûk op rêst.

De beide oare poaten, de taal- en de kultueroerdracht, hawwe de ôfrûne tritich jier aardich mear fleis op ‘e bonken krigen. As it om taaloerdracht giet, hat de Afûk him fan leveransier fan temaboekjes foar it ûnderwiis ûntjûn ta produsint fan heechwaardige

lesmetoaden. De kursussen Frysk foar folwoeksenen – al 90 jier in kearnmaak fan de Afûk – binne yngeand fernijd.

Sintraal by de kultueroerdracht stiet de útjouwerij. Dy hat de ôfrûne desennia in folweardich fûns opboud mei literatuer en non-fiksje foar jong en âld. Ek Boeken fan Fryslân, in gearwurkingsferbân fan Fryske útjouwers, is ûnderdiel fan dy kultueroerdracht. En sûnt foarich jier is de Afûk ek ferantwurdlik foar de promoasje fan it Fryske boek.

De Afûk dy’t Koen Eekma achterlit is net allinne grutter en profesjoneler, sûnt it trochsnijen fan de bestjoerlike bân mei in oantal oan de Fryske beweging ferbûne selskippen is er ek ûnôfhinkliker. ‘In profesjonele organisaasje dy’t de rykdom fan meartalichheid better sichtber meitsje wol en dy’t him ynset foar it Frysk op in manier dy’t minsken mei elkoar ferbynt,’ sa karakterisearret Eekma de Afûk fan no.

Wy litte dat ek sjen no’t wy dit jier yn it ramt fan Lân fan Taal drok dwaande binne mei it Talepaviljoen MeM, de Taletún yn Ljouwert en mei de Taalkaravaan dy’t de grutte festivals yn de provinsje oandocht.

Op 1 febrewaris haw ik de moaiste baan fan de wrâld oernaam. Ik haw wat mei it Frysk, dat, ik sil hjir echt wol lokkich wurde. Op nei de 100 jier!

Alex de Jager, direkteur

YNHALD

7 Alle nijtsjes komme hjir binnen

Kultueroerdracht

14 Jentsje, Foppe en de útnaaide frou

22 Ernst Bruinsma – Skriuwen kinst net leare

26 Arno Brok – It Frysk is ûnmisber

Taalpromoasje

34 Salang't der Frysk praat wurdt, wurdt der ek oer praat

42 Mirjam Vellinga – Held fan it Cherokee

46 Alian Akkermans – Noait om der sels better fan te wurden

Taaloerdracht

54 Wy tinke fanút de praktyk

60 Lisa Boersma – Fan pjut oant professor

64 Jouwe jo dy kursus of docht jo man dat?

68 Gjûn swiere kost by jûntiid

71 Minder selskippen, mear maatskippij

72 Koen Eekma – Ik bin mear ien fan de dingen deromhinne



Alle nijtsjes komme hjir binnen

De skriuwer mei it manuskript foar in nije roman, de learaar mei in fraach oer in lesmetoade, sels de lêzer fan it jubileumboek, wát immen ek nei de Afûk bringt, hy moat earst troch de winkel. In entree mei alluere.

Hy is net mear by de Afûk wei te tinken, dy winkel. Ein santiger jierren wie der oan de Ossekop al in ferkeappunt mei de beskieden omfang fan in âlderwetske doarps-Vivo. By elke ferhuzing – fan de Ossekop nei de Kanaalstrjitte nei Achter de Hoven nei de Bûterhoeke – waard de winkel rommer en moderner. Wat net feroare, wie de oanwêzichheid fan Gerda van der Wijk en Hermien van der Meer.

‘Meubilêr hê,’ karakterisearret Hermien har eigen posysje nei’t se útrekkene hat dat se al 33 jier by de Afûk wurket. Gerda rekkenet mei en komt foar harsels op 31 jier út. It grutste part fan dy jierren hawwe se trochbrocht yn ‘e winkel. In winkel dy’t net te ferlykjen is mei oare boekwinkels.

It is in grut ferskaat oan minsken dat de Afûk-winkel oandocht foar in roman, in berneboek of in boxershort mei pompeblêden. Mar dochs binne der ek altyd wer lju fan

wa’t Hermien of Gerda har ôffreegje wat dy tusken de Fryske boeken te sykjen hawwe.

‘Ik wil nu mien geld terug en aans..’

Sa kin Gerda har fan moai wat jierren lyn noch in man fan in jier as fiifentjirtich yn ‘t sin bringe. ‘Wat rûch om ‘t kin, âld spikerjaske sûnder mouwen, in bytsje in motortype. Hy skaaide wat troch de winkel. Ik koe net rjocht folgje wat er krekt die, oant er op de baalje tarûn, in wurdboek foar my dellei en sei: “Dit hew ik hier vorige week kocht. Mien vrouw vindt er niks an, ik wil mien geld terug.”

‘Dat kin wol,’ joech Gerda freonlik as beskie. ‘Mei ‘k earst it bontsjie eefkes sjen?’ Wêrnei’t de man daliks begûn te roppen en te razen. ‘Dachst nou echt dat ik overal de bontsjies fan bewaar, ik wil nu mien geld terug en aans..’

Doe't er nei in skoft fan tjirgjen en oangean yn 'e gaten krige dat er him sûnder jild wer ôfjaan moast, draaide er him om en stampde er flokkend en skellend de winkel út. En koe Gerda it wurdboek – 'dat griene fan Zantema' – weromsette op it plak dêr't de man it weipakt hie.

Mar der binne ek oaren. Klanten oan wa't Gerda en Hermien mei tagedienens weromtinke. Tibbesma bygelyks. In man fan achter yn 'e santich dy't alle jierren in pear kear út Hoarn wei mei de bus nei Ljouwert kaam – 'mei de Interliner, dat sei er der alle kearen by' – en mei in tas fol boeken wer nei hûs gie.

Gerda: 'Hy hie sa'n fjouwerkante tas. Dy hie er om 'e nekke, foar de bûk, dat net ien in boek fan him stelle soe. Tibbesma hie alle kearen dat er hjir kaam in skrift by him mei de boeken dy't er al hie, want hy hoegde de boeken net dûbeld. "Dêr ha je neat oan," sei er altyd. Dat seine wy him dan nei.'

'In keurige man, dy't alles op regel hie, dat koest oan alles merke. Hie yn in bibleteek wurke, wol 'k leauwe. Hy hong faak wol in oere yn 'e winkel om, soms rekke er op 'e praatstoel. Dan fertelde er oer syn frou dy't stoarn wie en dy't er sa ferskriklik miste. Wy hawwe it wol hân dat de triennen him oer de wangen rûnen. Dy man siet meast de hiele dei allinne yn syn hûs yn Hoarn, stel ik my sa foar. Foar him wie de rit mei de Interliner nei Ljouwert in útsje.'

In gewoane winkel is it net, dy fan de Afûk. It is gjin Hema dêr't de minsken yn rigen foar de kassa steane. It winkelpersoniel beheint him ek net ta it ferkeapjen fan boeken. Se dogge administratyf wurk, rêde har mei

de bestellingen en fakturearring fan de webwinkel, binne resepsjoniste/telefoaniste en pas as der in klant is, binne se ferkeapster.

Hermien: 'De klanten komme faak yn boskjes. Soms is it in healoere stil yn 'e winkel en dan komme der fiif of seis achterelkoar. It wurdt wol hieltyd drokker. Wy sitte wat op in omslachpunt. Soms binne der safolle klanten datst oan it oare wurk hast net takomst.'

Gerda: 'Mar bist hjir wol by alles belutsen. Alle nijtsjes komme hjir binnen. Dat makket it sa ôfwikseljend, dêrom hâlde wy it hjir ek sa lang út.'

Hoe drok oft se faak ek mei oare taken besteld binne, se besykje de klanten wol safolle mooglik persoanlike oandacht te jaan.

Der komme ek oare klanten by de Afûk. Dy klanten binne meast wol ynteressearre minsken. Se hawwe wat mei it Frysk.'

'Net oankomme, dy binne foar Kodama.'

Ien fan dy 'gewoane' klanten wie de Japanske heechlearaar Hitoshi Kodama. Hy wie heechlearaar Ingelsk yn Tokio en krige troch de histoaryske relaasje tusken it Ingelsk en it Frysk safolle belangstelling foar Fryslân dat er hjir in skoftlang alle jierren in pear moanne trochbrocht. Hy hat ûnder oaren in Frysk-Japansk wurdboek en in Fryske grammatika yn it Japansk skreaun.

Gerda: 'Yn de moannen dat er hjir tahold, kaam er altyd wol in kear as seis yn 'e winkel.

Dan socht er in oantal boeken út en rekkene dy kontant ôf. Wy leine dy boeken foar him yn in doaze yn it magazyn. Elkenien wist: net oankomme, dy binne foar Kodama. Foardat er wer nei Japan ôfreizge, woegen wy de doaze mei boeken – faak wol in kilo as tolve –, hy betelle de portokosten en wy diene de doaze op 'e post foar Japan.' In spesjale kategory yn it klantebestân binne de Fryske emigranten. Simmer 2000, doe't Fryske emigranten massaal foar in pear wike weromkamen nei it heitelân, wie it op syn drokst, mar ek oars rinne der geregeld klanten troch de winkel dy't Frysk mei in bûtenlânsk aksint prate.

Ek krije se gauris klanten oer de flier dy't op besite sille by famylje oan de oare kant fan 'e wrâld en in presintsje sykje. Meast wurdt dat in sûvenir, in pet of in teedoek mei pompeblêden; boeken binne minder populêr. Wat ek goed rint, binne kofferlabels mei de tekst 'Wat binne wy moai fuort'.

Wat by de boeken opfalt, is dat berneboeken – en dan benammen printeboeken – al jierrenlang it bêst ferkeapje. It binne meast de heiten en memmen en pakes en beppes dy't se keapje.

En dan geane se it leafst ôf op nammen dy't se kenne. *Jip en Janneke* is sadwaande ek yn it Frysk in bestseller. Fan boeken as *Kruistocht in spijkerbroek* fan Thea Beckman, *Oorlogswinter* fan Jan Terlouw en *Harry Potter* fan J.K. Rowling waard fan tefoaren fan alle kanten warskôge dat in Fryske oersetting gjin nut hie, om't elk it al yn it Nederlânsk lêzen hie. De ûnderfining leart lykwols dat der altyd fraach nei sokke oersettingen bliuwt.








Gerda: 'Dat jildt ek foar in boek lykas *Fan de lytse mol, dy't witte wol wa't him op 'e kop skiten hat*. Der binne sels net-frysktaligen dy't de Fryske ferzje leaver ha as de Nederlânske, om't dy sa lekker bekket. Se fine "skite" moaier as "poepe".'

In Frysk boek foar it eigen geniet keapje of om as jierdeiskado oan in oare folwoeksene te jaan, komt minder faak foar. En as minsken dat al dogge, dogge se dat earder mei non-fiksje as mei in roman of in dichtbondel.

Gauris komme minsken yn 'e winkel om in boek of in artikel dêr't se yn it tydskrift *heit&mem* wat oer lêzen hawwe. Gerda: 'Of se hawwe by in Tomke-priisfraach op Facebook in skoalplaat wûn. Dan komme se hjir en faak is de reaksje: "Wat is dit in moaie winkel, dat wy dat net wisten."' De wike foar heitedei komme der steefêst bern yn 'e winkel om in boxershort mei pompeblêden foar heit. Oan it begjin fan de simmer binne it jongelju dy't foar it earst nei in goedkeap bûtenlân op fakânsje sille – Hermien: 'Of nei De Feanhoop' – en dêr mei in pompeblêdeswimbroek kenber meitsje wolle wêr't se weikomme.

In oare kategory klanten is in tanimmend oantal bûtenlânske studinten. Se geane faak nei Tresoar om te studearjen en as se mar faak genôch foar de Afûk-winkel lâns fytsje, komt der fansels in momint dat se eefkes om 'e hoeke sjogge.

Al dy klanten soargje der mei-elkoar foar dat de omset noch alle jierren groeit. Gerda: 'Sels fan de krisis yn 2008 ha wy neat fernommen. Kinst neigean.' 🍀





KULTUER- OERDRACHT

Mei it ferhúzjen nei it gebou Oksekop 11 yn 1971 krige de Afûk foar it earst in eigen gesicht yn de binnenstêd fan Ljouwert.

Jentsje, Foppe en de útnaaide frou

Koen Eekma wist net wat him oerkaam doe't er begjin jierren njoggentich – hy wie noch mar krekt direkteur fan de Afûk – in telefoantsje krige út Snits: “Jo prate mei Anne Wadman. Ik haw in manuskript, dêr woe ik graach ris mei jo oer prate.”

Syn hbs-tiid yn Snits yn de jierren sechstich kaam him wer yn 't sin. Anne Wadman joech Nederlânsk oan de gymnasiumôfdieling fan it Magister Alvinus, de skoalle dêr't ek de hbs diel fan útmakke. Gauris hie de jonge Koen him op 'e fyts foarbykommen sjoen: Anne Wadman, de skriuwer fan *De smearlappen*, de man waans namme thúshearde yn it rynchje Vestdijk, Vinkenoog, Mulisch en Reve. En dy man soe mei him prate wolle oer in manuskript?

In pear dagen letter waard him pynlik dúdlik dat de ferhâldingen in stikhinne feroare wiene sûnt de hbs-tiid. Foar him oer siet net de man dy't alle krityk út konservatyf-kristlike rûnten op syn boek grutsk en superieur trochstien hie, siet net de man dy't in reputaasje op te hâlden hie as ien fan de meast foaroansteande literêre resinsinten fan syn tiid, nee, de man dy't dêr siet wie in tige beskieden, hast ferlegen persoan.

Koen Eekma: 'It like as seach er by my op, yn stee fan ik by him. Hy seach my as de útjouwer, as de man fan wa't er ôfhinklik wie. Mar dat woe ik hielendal net.'

In jier letter ferskynde Anne Wadman syn nije roman by de Afûk: *Fjoer út in dôve hurd*. Dat wie it begjin fan de Afûk as útjouwer fan literêr wurk.

Frankfurter Buchmesse

De Afûk wie oait opset as kursusunstitút. Oant de jierren santich hiene de eigen útjeften har beheind ta lesmateriaal foar de eigen kursussen. Dat feroare pas oan de ein fan de jierren santich, doe't dúdlik waard dat it Frysk in ferplichte fak yn it basisûnderwiis wurde soe.

It Pedagogysk Wurkferbân fan de Fryske Akademy gie op yn it Mienskiplik Sintrum

foar Underwiisbegelieding. Dat MSU soe him, yn 'e mande mei de skoalradio en -telefyzje fan Radio Fryslân, dwaande hâlde mei de produksje fan lesmateriaal foar it fak Frysk; de Afûk soe lêse- en temaboekjes meitsje.

De fraach wie: hoe komme wy dêroan? It tilde op dat stuit net op fan de Fryske berneboekeskriuwers en tekeners. En printeboeken yn kleur produsearje wie mei de oplagen foar in lytse taal as it Frysk net te beteljen. Mar der wie in oplossing: ynternasjonale gearwurking.

Direkteur Rindert Straatsma waard in fêste gast op de Frankfurter Buchmesse. Hy en syn meiwurkers sleaten dêr kontrakten ôf mei grutte útjouwers út in oantal lannen. Dy makken kleureprinteboeken yn oplagen fan faak wol 100.000 eksimplaren. De djoere kleurelito's hoegden mar ien kear makke te wurden, it kostet net folle ekstra om by it printsjen sa no en dan fan taal te wikseljen. Soe in kleureprinteboek yn in oplage fan 1.000 eksimplaren al gau op 30 gûne oan produksjekosten it boek komme, by in oplage fan 100.000 bleau de teller op 3 gûne stean.

In twadde foardiel fan dy ynternasjonale gearwurking wie dat de nije Fryske útjouwer kieze koe út it bêste fan it bêste. It Frysk oanbod hoegde mei titels as *Fan de lytse mol, dy't witte wol wa't him op 'e kop skiten hat* en mei skriuwsters lykas Astrid Lindgren yn kwaliteit net ûnder te dwaan foar it Nederlânske oanbod oan berneboeken. Dêr kaam nochris by dat de skoalmasters en -juffen dy't dy boeken yn it Frysk oersetten dat mei in soad leafde en dus foar in pear sinten diene.

Ien fan dy oersetters wie heechstpersoanlik ferantwurdlik foar ien fan grutste suksessen út de Afûk-skiednis. Janny Vledder-van der Knoop yntrodusearre de Sweedske rige *Max* yn Fryslân, ûnder de titel *Jentsje*. It moaie wie dat de rige der net yn it Nederlânsk wie, en dat fan dy kant dus gjin konkurrinsje te ferwachtsjen wie. Yn stee fan de ienrigelige byskriften fan de tekeningen yn it Frysk oer te setten, makke Janny Vledder sels fjouwerregelige rymkes.

“Sjoch ris oan, dêr ha wy Jentsje. Mem ropt: 'Jentsje, op 'e pot!' Pukky tinkt: 'O, akkebakke. Jentsje moat ek altyd wat.'”

Tûzenen heiten en memmen moatte dy rigels yn 'e rin fan 'e jierren tsientûzenen kearen foarlêzen hawwe. Letter hat in Nederlânske útjouwer se op 'e merk brocht ûnder de oarspronklike titel *Max*, mei in letterlike oersetting fan de Sweedske byskriften. Dat rûn op neat út. Fan de tsien Fryske Jentsje-boeken binne sûnt 1981 wol 100.000 ferkocht. En se lizze noch altyd yn 'e winkel.

Skroei en Broei

Net dat der yn Fryslân hielendal gjin berneboekeskriuwers wiene yn dy tiid, allinne sieten dy net by de Afûk, mar by de Friese Pers Boekerij (Berber van der Geest, Diet Huber en Tiny Mulder) en de Koperative Utjouwerij (Auck Peanstra, Eppie Dam, Mindert Wijnstra).

Koen Eekma wie fan betinken dat it de taak fan de Afûk wie en soargje derfoar dat der mear in eigen Fryske skriuwskultuer ûntstie. Ien fan de earste projekten dy't dêr oan bydrage moasten, wie it *Nachtboek* (1991). Begjinnende en mear erfaren skriuwskultuer waarden útnûge om ferhalen oer

de nacht te skriuwen foar de boppebou fan it basisûnderwiis. Itselde barde mei de boeken *Skroei* (1987) en *Broei* (1991) foar it fuortset ûnderwiis.

Yn deselde snuorje melden ek Jan Schotanus, Anny de Jong en Riemkje Pitstra har oan it berneboekeskriuwersfront fan de Afûk, mei ûnder oaren de Mentha Minnema-searje (sûnt 1990). Net lang dêrnei skreau ek Lida Dykstra har earste boek en makken Eppie Dam, Mindert Wijnstra en Auck Peanstra de oerstap nei de Afûk. Dêrmei wie de berneboekeskriuwerskultuer in feit.

Om de boeken fan al dy skriuwers ek op 'e merk te bringen, waarden de Friese Pers, de KU, de Afûk en de provinsje it begjin jierren njoggentich iens oer in nije subsydzjeregeling foar it Fryske boek. De provinsje joech de útjouwers in bedrach per letterteken. As in útjouwer mear as seis boeken yn in jier útjaan woe, kamen dy ekstra boeken foar eigen rekken.

De regeling waard net allinne ynset foar nij Frysk wurk, mar ek foar it op 'e nij útbringen fan in rige Fryske klassiken. Tusken 1992 en 2006 waarden, ferdield oer de Fryske Klassiken I en II, 26 boeken dy't al lang net mear te krijen wiene, presintearre yn in nij jasje. Dat gie fan *Rimen en Teltsjes* fan de bruorren Halbertsma oant *Fabryk* fan Trinus Riemersma. De Afûk wie ferantwurdlik foar ûnder oaren *Fjouwer minsken yn in stêd* fan Piter Terpstra en *Peke Donia* fan Nyckle Haisma.

De nije subsydzjeregeling fan de provinsje koe net foarkomme dat it foar de Koperative Utjouwerij hieltyd dreger waard om de holle boppe wetter te hâlden. By de KU sieten de mear literêre skriuwers, de minsken dy't faak sa bot yn it proses fan it kreëarjen fan

boeken opgiene dat se oan it ferkeapjen net takamen. Gjin útjouwer dy't safolle Gysbert Japicxpriiswinners yn syn fûns hie, gjin útjouwer dy't sa'n bytsje boeken oan de man brocht. Dat de fraach fan KU-foarsitter Piter Boersma 'Kinne wy ris prate?' kaam net alhiel ûnferwachts.

De petearen mei de KU draaiden derop út dat skriuwers lykas Itty Sluis, Harmen Wind, Margryt Poortstra en Willem Abma oerstapten. Trinus Riemersma en Josse de Haan fielden dêr neat foar. Yn *Bretagne libre!* – it boekewikegeskink fan 1998 – naam Riemersma op boartlike wize wraak op Koen Eekma troch de direkteur fan in Frânsk taalynstitút bluodderich fermoardzje te litten. Neidat de KU ferdwûn, soenen De Haan en Riemersma noch fiif jier in eigen útjouwerij hawwe: Venus (2003-2008).

Afûk-noarm

Mei de útjefte fan literêre romans kaam ek de doedestiids ferneamde 'Afûk-noarm' ûnder druk te stean. Dy Afûk-noarm – oait fêstleien yn in offisjeel bestjoersbeslút – hold yn dat allinne wurden dy't yn in wurdboek stiene as geef Frysk jilden. Oare wurden wiene yn útjefte fan de Afûk net tastien.

'Mûzeskedeltsjes stie yn gjin inkeld wurdboek.'

Der waard ûnder skriuwers wolris klage oer dy rigide noarm, mar de saak kaam pas op skerp te stean troch de bydrage fan Douwe Kootstra oan it *Nachtboek* út 1991. Dêr kaam it wurd 'mûzeskedeltsjes' yn foar. En dat wie no krekt sa'n wurd dat yn gjin inkeld wurdboek stie. Kootstra krige it advys om dêr 'mûzedeadshollekopkes' fan te meitsjen.

De skriuwer wegere om syn eigen mûzeskedeltsjes yn te ruiljen foar de mûzedeadshollekopkes fan de Afûk. In konflikt drige. Allinne in direksjonele yngreep koe it ferhaal fan Kootstra foar it boek rêde. Op oanrieden fan Koen Eekma besleat it bestjoer om de Afûk-noarm tenei te beheinen ta it lesmateriaal – kursisten moasten witte wêr't se oan ta wiene – en literêre skriuwers de dichterlike frijheid fan in eigen wurdkar te jaan. In wichtich argumint foar dat lêste wie dat, as it wurdboek de noarm bleau, der noait wer in nij Frysk wurd bykaam.

Friese Pers Boekerij

Neidat de provinsje yn 1997 de subsydzjestecker út tydskrift *Frysk & Frij* lutsen hie, krige de Afûk de opdracht om de F-side te meitsjen. Dy út provinsjeld bekostige advertinsjeside mei stikjes oer kultuer en skiednis waard ien kear wyks as ekstra side yn de *Leeuwarder Courant* en it *Friesch Dagblad* lein. It doel wie de krantlêzer faker it Frysk as skreaune taal ûnder eagen te bringen.

De ûntfangst wie wikseljend. In probleem wie dat de redaksjes fan de beide deiblêden as betingst steld hiene dat der gjin sjoernalistike ferhalen op de F-side stean mochten. It wiene advertinsjesiden en it moast foar de lêzer dúdlik wêze dat de kranteredaksjes net ferantwurdlik foar de ynhâld wiene. Dat beheinde de redaksje fan de F-side yn syn mooglikheden.

Doe't de formule nei acht jier slytplakken krige, die him in nije kâns foar yn de foarm fan de *Friesland Post*. Dat Nederlânsktalige blêd wie in útjefte fan de Friese Pers Boekerij, mar dy woe dêr eins wol fan ôf. Oft it net wat foar de Afûk wie?

It blêd wie yn it Nederlânsk, mar dêr wie wat oan te dwaan. As se de F-side no opdoekten en yn it plak dêrfan de *Friesland Post* ferriken mei in Frysktalich katern? Dat soe de lêzers fan it Nederlânsktalige blêd net daliks fuortjeie, mar se krigen wol moai alle moannen in aardige poarsje Frysk ûnder eagen.

It stiet Koen Eekma noch helder foar eagen hoe't dêr yn de kommisje ûnderwiis, taal en kultuer fan Provinsjale Steaten oer praat waard. It entûsjasme wie net by elkenien like grut.

Underwilens hie Koen Eekma al moai wat kearen mei direkteur Henk van Setten fan de Friese Pers en útjouwer Robert Wielinga fan de Friese Pers Boekerij om 'e tafel sitten.



- De Jentsje-boekjes wienen in grut sukses. Yn 2001 waard it 50.000-ste eksimplaar oanbean oan Janny Vledder-Van der Knoop. Sy makke de rymkes by de yllustraasjes.

Dy petearen giene al lang net mear allinne oer de *Friesland Post*. De Friese Pers woe net allinnich it moanneblêd wol slite, eins woe de útjouwer fan de hiele boekeútjouwerij ôf, om him folslein op de kranten konsintrearje te kinnen. De fraach wie dus: wol de Afûk de Friese Pers Boekerij net oernimme?

Koen Eekma: 'Wy hiene dêr wol earen nei. Rink van der Velde, Hylke Speerstra, Riek Landman – de skriuwers dy't de measte boeken ferkochten yn Fryslân sieten allegear by de Friese Pers Boekerij. Wy kamen hieltyd tichter byelkoar. Wy wiene op in stuit al safier mei de ûnderhannelingen dat ik mei de meiwurkers fan de Boekerij – Jelma Knol, Peter Karstkarel en Harrie Ernst – praat haw oer hoe fierder nei de oername.'

'It is by eintsjebeslút stikkenrûn op twa punten: op de advertinsjeromte en op de eask fan de Friese Pers dat se útjeften fan de LC-redaksje, lykas de Elfstedenboeken, sels hâlde woene. Dat de boeken fan de Friese Pers Boekerij sa goed ferkochten, wie foar in grut part te tankjen oan de stoppers – fan dy advertinsjes om de pagina's folrinne te litten – yn de Ljouwerter Krante. Wy woene dy regeling fuortsette, de Friese Pers woe dy bine oan in maksimum yn romte en tiid. Nei in pear jier soene wy dêr gewoan foar betelje moatte.'

De Friese Pers Boekerij is dêrnei, om't it útjaan fan boeken dochs wer ta de kearntaken fan de NDC rekkene waard, wer wat oplibbe. Uteinlik is it doek dochs fallen en is it fûns yn 2017 opgien yn útjouwerij Bornmeer op De Gordyk.

Foppe de Haan

Oant de ein fan de jierren njoggentich rêden de direkteur en in lêskommissje foar it

beoardieljen fan manuskripten mei it útjaan fan de boeken. Simmer 2000 like in moaie gelegenheid foar de Afûk om him better as útjouwer te profilearjen. It waard tiid foar in echte redakteur. Dy kaam der yn de persoan fan Baukje Wyttsma. Dat late yn 2000 ûnder oaren ta útjeften lykas de sammelbondel *Koartwei, 21 Fryske ferhalen* en de cd *Rûzje wyn...*, foaral bedoeld foar troch nostalgy pleage emigranten.

Frysk lêzen drige hieltyd mear in spultsje foar froulju en âldere minsken te wurden. Om ek oaren oan de konsumpsje fan Fryske boeken te krijen, moasten der nije skriuwers fûn wurde. Baukje Wyttsma en Koen Eekma iepenen tegearre de syktocht.

Foar it grutte sukses dat deroan stie te kommen wie net in jonge, begjinnende skriuwer ferantwurdlik, mar in skriuwer dy't al in moai rychje titels op syn namme hie. It wie Eppie Dam dy't op in dei by Koen Eekma kaam mei it ferhaal dat er in lêzing fan fuotbaltrainer Foppe de Haan yn Balk bywenne hie. 'Sa ynspirearjend, dêr kinst wol in boek oer skriuwe.'

Dat sintsje mei dan ien fan de meast brûkte stoplappen yn alle mooglike talen wêze, as immen dy yn bywêzichheid fan in útjouwer brûkt, kin dat konsekwinsjes hawwe. Yn dit gefal wie de konsekwinsje dat Eppie Dam in pear wike letter mei Koen Eekma yn it Hearrenfeanstadion nei ôfrin fan in training foar de noch yn trainingspak stutsen Foppe de Haan oer kaam te sitten.

Se fertelden dat se in Frysk boek meitsje woene foar minsken dy't net faak in Frysk boek lêze, mar dy't wol belangstelling hawwe foar fan alles dat yn Fryslân spilet. En dat

se it fermoeden hiene dat in part fan dy minsken ien kear yn de fjirtjin dagen by It Hearrenfean op 'e tribune siet. Mei oare wurden, oft Eppie in boek oer Foppe de Haan meitsje mocht? En oft er in skoftlang mei de trainer meirinne koe? Mei nei de wedstriden, de training, de wedstrydbesprekking, mei nei alles dat mei Foppe de Haan, It Hearrenfean en it fuotbal te meitsjen hie? De trainer hoegde dêr amper oer nei te tinken: it mocht. Eppie Dam koe los.

In pear wike letter wachte Eppie Dam Koen Eekma op nei ôfrin fan in potsje tennis. It wie net syn gewoante om útjouwers op de tennisbaan lestich te fallen, mar der wie in probleem. 'Der is noch ien dwaande mei in boek oer Foppe.'

No hie Foppe de Haan yn it earste petear wol wat trochskimerje litten oer in oare skriuwer dy't mei wat dwaande wie, mar dat soe mar in lyts boekje wurde. Boppedat wie de skriuwer redakteur fan fakblêd *De VoetbalTrainer*, it soe dus mear in boekje wurde oer fuotbaltechnyske saken.

In telefoantsje learde dat de plannen fan Tjeu Seeverens – de oare Foppe-skriuwer – krekt wat mear om 'e hakken hiene. Eekma naam kontakt op mei Egbert van Hes fan Eisma Media Groep, de útjouwer fan *De VoetbalTrainer*, en makke in ôfspraak yn Utert foar in petear ûnder acht eagen.

It foel de útjouwers yn it selskip al rillegau op dat de beide skriuwers it ridlik mei elkoar fine koene. It soe, tocht har, miskien net ûnferstannich wêze en lit de manlju eefkes allinne. Doe't se tsien minuten letter weromkamen, krigen se gelyk. 'Wy binne derút.'

Net ien soe der better fan wurde as der twa boeken oer Foppe yn deselde snuorje op 'e merk kamen. Tjeu Seeverens soe de ynterviews dy't er makke hie en syn oare materiaal oan Eppie Dam oerdrage, dy soe it boek fierder skriuwe.

'Een boek in Foppe zijn eigen Friese taal.'

Foppe, portret fan in bysûnder gewoan minske ferskynde yn 2001 yn in Fryske en in Nederlânske ferzje. Foarôfgeand oan de wedstryd It Hearrenfean-Feyenoord hold in ferslachjouwer fan SBS it boek foar de kamera omheech mei de wurden: 'Het boek is er niet alleen in het Nederlands, maar ook in Foppe zijn eigen Friese taal.'

In pear dagen letter, doe't Foppe de Haan it boek sinjearre yn boekwinkel Binnert Overdiep op It Hearrenfean, stiene de minsken tweintich meter de winkel út. Der stiene twa pallets mei boeken efter de trainer, de iene mei tûzen Fryske, de oare mei tûzen Nederlânske eksimplaren. Oan de ein fan 'e dei wiene beide pallets leech. Der wiene sels minsken dy't beide talen kochten. Sa wie der in man dy't sei: 'Ik haw in Nederlânsk boek om't ik dat better lêze kin en ik haw in Frysk boek om't dat de taal fan Foppe is.'

Fan it boek binne yn totaal 20.000 eksimplaren ferkocht, aardich lyk ferdiel oer de beide talen. Foar de Afûk wie dat it bewiis dat se ek sûnder de advertinsjekrêft fan de Friese Pers in bestseller op de merk bringe koene.

‘De Fryske Donald Duck wie net oan te slepen.’

Letter soe de Afûk noch in oantal bestsellers op syn namme bringe, al wie dat mei boeken dy’t ynhâldlik net deselde ambysje hiene as *Foppe*. Sa giene fan de boekjes *Mijn vrouw is uitgenaaid* en *Mijn tweede vrouw is ook uitgenaaid* – twa boekjes fol komyske frisismen – mei-elkoar 60.000 eksimplaren oer de toanbank. Ek de Fryske Donald Duck wie net oan te slepen. Dêr giene 50.000 fan de doar út.

‘de Moanne’

Op 1 jannewaris 2005 waard Ernst Bruinsma oannommen. De earste twa en in heal jier hiene hy en Baukje Wytsma de lieding oer de tematydkriften en de útjouwerij, nei it ôfskied fan Baukje Wytsma waard er dêr allinne ferantwurdlik foar.

As it om ûnnoazele, by in sollisitaasje folslein ûnbelangrike tafallichheden giet, hie Bruinsma alles mei. Hy wie de soan fan de eigener fan printerij Brouwer en Wielsma, dy’t in soad printwurk foar de Afûk die. En hy wie promovearre op Louis Paul Boon, op ‘e kweekskoalle de favorite skriuwer fan Koen Eekma.

‘Asto my beneamst, komme de ideeën fansels.’

Eekma nûge Bruinsma út foar in sollisitaasje-petear, makke him dúdlik dat der gjin jild wie om him te beneamen en dat er syn eigen jild dus fertsjinje moast. ‘Hast ideeën?’

It antwurd tsjûge fan selsfertrouwen: ‘Asto my beneamst, komme de ideeën fansels.’

Sutelaksje

Yn 2009 foel it gerdyn foar de stichting It Fryske Boek, de meiwurkers krigen in plakje by Tresoar. It Fryske Boek wie yn 1934 oprjochte troch in oantal ferieningen en útjouwers, mei as doel mear Fryske boeken ûnder de minsken te bringen. Sûnt de jierren santich wie de Sutelaksje it wichtichste middel om dat doel te berikken.

De meiwurkers fan It Fryske Boek ferkassen nei Tresoar, mar se namen de Sutelaksje net mei. Dy Sutelaksje wie mei de jierren in frijwat muoisume oangelegenheid wurden, mei’t it op in soad plakken hieltyd dreger waard om genôch frijwilligers te finen om mei kroaden fol Fryske boeken by de doarren lâns te gean. Boppedat wie Tresoar, as ynstitút dat him rjochte op it argivearjen en befoarderjen fan literatuer, net ynsteld op it ferkeapjen fan boeken.

It ferdwinen fan de Sutelaksje – de ekonomyske krisis dêr’t Nederlân op dat stuit yn siet, sil ek in rol spile hawwe – wie in klap foar de ferkeap fan Fryske boeken. In oantal skriuwers woene it net samar gewurde litte en organisearren ûnder lieding fan Ferdinand de Jong in pear kear in Sutelaksje yn it lyts.

Dichter Abe de Vries kaam mei it idee foar in kulturele karavaan fan skriuwers, artysten en boekferkeapers. Underdiel fan syn plan wie dat de frijwilligers dy’t Fryske boeken ferkochten in part fan de opbringst foar de eigen sport- of oare feriening hâlde mochten. It ferkeapjen fan Fryske boeken moast, krekt as fan snert en koeken, lukratyf wurde.

Underwilens hiene in oantal útjouwers de stichting Boeken fan Fryslân oprjochte. Letter sleaten ek nije útjouwers fan Fryske boeken har dêrby oan: Bornmeer, Frysk & Frij, Regaad, Elikser, KFFB, Audiofrysk, Hispel, KFFB, Wijdemear en de Afûk. Dy nije organisaasje moast him – krekt as earder It Fryske Boek – talizze op de ferkeap fan boeken bûten de offisjele ferkeapkanalen om. De ûnderfining hie ommers útwiisd dat in soad minsken dy’t net de muoite nimme om foar in Frysk boek nei in boekwinkel te fytsen, wol taslaan as der ien by har oan ‘e doar komt of as in boek op in kream leit by in jiermerk of sokssawat.

Kadoboek

De ferkeapbefoarding mocht dan oergien wêze nei Boeken fan Fryslân, de promoasje fan it Fryske boek wie noch altyd de ferantwurdlikheid fan Tresoar. Underdielen fan dy promoasje wiene it organisearjen fan de Moanne fan it Fryske Boek, it boekefeest, it regeljen fan in kadoboek (de Fryske wjergader fan it Nederlânske ‘boekenweekgeschenk’) en literêre jûnen mei skriuwers en muzikanten. Ek nei sân jier wie dy hiele boekpromoasje noch altyd in frjemde ein yn it Tresoarbit.

Yn 2016 – mei *Neiskrift* fan Marga Claus en Aggie van der Meer as kadoboek – wie Tresoar foar it lêst ferantwurdlik foar al dy promosjonele aktiviteiten. Dêrnei hat de provinsje dy taak oerhevele nei de Afûk. Fanwege de tarieding op it bannige jier 2018 mei Ljouwert/Fryslân as Kulturele Haadstêd hat de Afûk fan 2017 in oergongsjier makke. Gjûn boekefeest dus en gjûn kadoboek.

Wat Boeken fan Fryslân ûnder lieding fan Ferdinand de Jong al trochsette wie de Sutelaksje. Korpsen en ferieningen dy’t ferlet

fan ekstra ynkomsten hawwe – of dy’t de Fryske literatuer in waarm hert tadrage, dat kin ek fansels – kinne mei stipe fan Boeken fan Fryslân in pleatslike sutelaksje op tou sette. Fierder leveret de stichting boekekasten oan skoallen en wurde der boeken ferkocht op hjerst- en simmermerken en oarsoartige fairs.

Ek yn 2018 is der gjin Frysk kadoboek. Ida Heddema fan de Afûk en Ad Peek fan boekhannel Van der Velde kamen op it idee om yn 2018 net in Fryske skriuwer opdracht te jaan foar in kadoboek, mar it Nederlânske boekewikegesink fan Griet Op de Beeck tagelyk yn it Frysk út te jaan. Harren idee: as minsken it Fryske kadoboek ek by de oankeap fan in Nederlânsk boek krije kinne – se kinne kieze út in Nederlânske en in Fryske Griet Op de Beeck – boarrest in nije lêzersgroep oan. Se krigen gelyk. Hie it Fryske kadoboek eartiids in oplage fan sa’n 4.000 eksimplaren en letter sels mar fan 1000, fan Griet Op de Beeck yn it Frysk bestelden de boekwinkels yn Fryslân én Nederlân yn ‘t foar al 8000 eksimplaren. Der wie ek in grut Boekefeest mei Griet Op de Beeck en in tal Fryske skriuwsters.

It doel is om mei yngong fan 2019 alle jierren wer in Fryske skriuwer opdracht te jaan foar it meitsjen fan in kadoboek. Ek it boekefeest komt werom, mar dan net mear as eksklusyf feestje fan skriuwers, útjouwers en boekferkeapers. Ek oaren binne aanst wolkom. Wat wol ferdwynt is de Moanne fan it Fryske Boek. De promoasje moat him net mear taspite op ien moanne, mar better oer it hiele jier ferdielt wurde. ■

Skriuwen kinst net leare

Ernst Bruinsma is ferantwurdlik foar de útjouwerij fan de Afûk, dêrneist is er haadredakteur fan *de Moanne*. As redakteur hat er mar ien doel: 'In skriuwer helpe om fan it boek dat er skreaun hat in better boek te meitsjen.'

'Alles begjint en einiget mei de styl.' Dat is yn it koart hoe't er tsjin it hifkjen en it redigearjen fan boeken oansjocht. As der tefolle oan de styl fan in ynstjoerd manuskript mankearret, hâldt it neffens Ernst Bruinsma daalk al op. 'Skriuwen kinst net leare, oan minsken dy't net skriuwe kinne, moat in redakteur syn tiid net ferdwaan. Mar kinst as redakteur in skriuwer wol helpe mei de komposysje fan in ferhaal.'

Oft it komt trochdat syn heit in printerij hie op It Hearrenfean wit er net, wol is dúdlik dat er syn leafde foar boeken al jong skipe. Wêr't oare jonkjes op de legere skoalle harren bûsjild útjoegen oan boarters- en snobbersguod, kocht de lytse Ernst boeken. Mei de Kameleonboeken fan H. de Roos, dy't er eartiids foar 3,95 gûne by Binnert Overdiep op It Hearrenfean kocht, lei er de basis fan syn hjoeddeiske priveebibeleek.

Doe't er in jier as tolve, trettjin wie en de folsleine jeugdbibeleek yn syn wenplak út hie, frege er syn learaar Nederlânsk Jan J. Bijlsma – dichter fan bondels lykas 'Altyd like fleurich' en 'Jan Krukje en syn maten' – hokker boeken foar folwoeksenen er it bêst mei begjinne koe. Syn entree yn de literatuer begûn mei skriuwers lykas Willem Elsschot, Ben Borgart, Simon Carmiggelt en Jan Arends.

Nei syn stúdzje Nederlânsk yn Grins ferfear er nei Antwerpen om oan de universiteit dêr promoasjeûndersyk te dwaan nei de Flaamske skriuwer Louis Paul Boon. Alles mei-elkoar bleau er tolve jier oan de universiteit fan Antwerpen ferbûn as wittenskiplik ûndersiker en hy promovearre yn 2004 op in boek oer Louis Paul Boon en syn útjouwer Manteau.

Hy hat praktysk fanôf it begjin yn 2003 belutsen west by *de Moanne*. Doe't



haadredakteur Jan Pieter Janzen nei in pear moanne slim siik waard, is Ernst Bruinsma him opfolge yn dy funksje.

De earste jierren joech er fanút Antwerpen lieding oan 'e redaksje. Ek liet er geregeld syn gesicht sjen by de Afûk foar oerlis mei opmakker Daam de Vries. Ingrid Wagenaar frege him om tematydskrift Boek te redigearjen. Syn kontrakt by de universiteit yn Antwerpen rûn ôf, hy hie al in oantal boeken foar de Afûk redigearre en sa kaam fan it ien it oar.

Tsjintwurdich is er neist haadredakteur fan *de Moanne* ek útjouwer, projektlieder fan Boeken fan Fryslân en projektlieder fan in tal projekten foar Lân fan Taal. En yn 'e mande mei direkteur Alex de Jager en Mirjam Vellinga foarmet er de stêf fan de Afûk.

Oandacht

De earste stappen as redakteur fan oarmans skriuwsels sette er as skripsjebegelieder fan studinten. Ek yn de njoggen jier dat er vice-foarsitter fan it Fonds voor de Letteren en letter it Nederlands Letterenfonds wie, hat er hiel wat boeken beoardielje moatten.

Hy giet derfan út dat er op grûn fan dy ûnderfining yn de measte gefallen by steat is om te begripen wat in skriuwer bedoelt mei in manuskript dat dy oan him tabetrout. En dat er de skriuwer helpe kin om dy bedoelingen mei krekt wat mear oertsjûging om te wurkjen ta in boeiend ferhaal as dat dy yn earste ynstânsje miskien dien hat.

Skriuwers hawwe dêr ferlet fan, wit er út ûnderfining. 'Se wolle oandacht. Ik tink dat ik goed mei skriuwers oer literatuer prate

kin.' En soms is in boek fansels hast yn ien klap raak, dan hoecht er der net folle oan te dwaan.

'It neidiel fan al dat redaksjewurk,' heakket er dêr oan ta, 'is dat ik de romantyk fan de spontane lêzer wat kwyt bin. It komt hast noait mear foar dat ik in boek amper oan 'e kant lizze kin om't ik hielendal yn it ferhaal opgean. Ik ferdjipje my freegjenderwise yn in boek. Leau ik it? Is it autentyk? Is it stilistysk nijsgjirrich? Is der in publyk foar? Sokke fragen moat ik in antwurd op jaan en eins jout dat likefolle wille as spontaan lêzen.'

'Der wurde al fierste folle boeken útjûn.'

As er sa goed wit wat der oan it wurk fan skriuwers mankearret, wêrom skriuwt er dan sels gjin boeken? Sûnder neitinken antwurdet Ernst Bruinsma: 'Dy ambysje haw ik noait hân. Ik slút net út dat it der oait fan komt, mar wêrom soe ik in midsmjittich boek op in merk bringe dy't optilt fan de midsmjittige boeken?' 'Der wurde al fierste folle boeken útjûn. Dêr noch wat oan taheakje soe ik allinne dwaan as it ôf hiel goed ôf hiel persoanlik is. En dan soe it gjin roman wêze, mar non-fiksje. Essays of in biografy miskien. Ik haw oait mei it plan omrûn om in biografy oer Bert Schierbeek te skriuwen. Miskien komt dat der nochris fan. En ik soe ek wol mear oer Fryske literatuer skriuwe wolle.'

Moaie boeken

Frijwat skriuwers binne pessimistysk oer de takomst fan de Fryske literatuer. Se fernimme dat de oplagen de ôfrûne jierren lytser wurden binne, de eangst is grut dat dy

allinne noch mar lytser wurde. De measte lêzers fan Fryske boeken binne de fyftich ek al passeard.

Bruinsma dielt dat pessimisme net. 'Wy kinne net yn 'e takomst sjen. It is wier dat de oplagen sakke binne, dat dichtbondels amper ferkeapje, mar wy moatte net yn in kramp sjitte en ússels oanprate dat it allinne noch mar minder wurdt. Ik fyn dat der op 't heden goede boeken skreaun wurde, boeken dy't de ferliking mei oare literatueren skoan trochstean kinne.'

'Der barre ek moaie dingen. Ik besprek ien kear yn 'e moanne boeken foar *Op & Ut* fan Omrop Fryslân. Lêsten kaam der fuort nei ôfrin in frou op my ta. Se frege my hokker boek ik besprutsen hie. Se hie myn ferhaaltsje mist om't se krekt eefkes nei it húske wie. En se woe it wol graach witte, want se helle de boeken dy't ik bespruts altyd út de bibleteek.'

'Wy moatte gewoan trochgean mei it útjaan fan goeie boeken. It kin bêst wêze dat der yn de takomst wer ris in perioade komt dat de belangstelling foar de Fryske literatuer opbloeit. Yn de kramp fan it negativisme sjitte wurdt net ien better fan.'

'It Frysk kin allinne oerlibje as deryn skreaun wurdt.'

'It Frysk kin allinne oerlibje as deryn skreaun wurdt. It skreaune Frysk komt de taal op alle mooglike manieren te'n goede. Us folslein op it sprutsen Frysk konsintrearje is de dea yn 'e pot.'

'Mar wy moatte wol mei de tiid meigean. It Frysk feroaret, krekt as alle talen. De oersetting fan Jip en Janneke doar ik linich en hjoeddeisk te neamen, mar ik wit dat it in foarm fan Frysk is dy't tsien jier lyn miskien noch ôfkard wie. Ik lêse ek graach in Frysk boek dat ryk fan taal is, mar kleie dat alderhanne wurden net mear brûkt wurde, dêr ha je neat oan.' ■

It Frysk is ûnmisber

It wie troch in klasgenoat út Grou dat er as jonge studint tocht: “Wat is dat Fries een mooie taal.” Jierren letter is er de earste kommissaris fan de Kening op it provinsjehûs yn Ljouwert dy’t konsekwint Frysk praat. Fan 2003 oant 2010 wie Arno Brok foarsitter fan de Afûk.

Der binne net folle bestjoerders dy’t sok geef Frysk prate as kommissaris Arno Brok. ‘Skilje’, ‘petear’ en ‘ferskate’ rûgelje him like maklik ta de mûle út as wurden dêr’t wat minder de lucht fan boekjefrysk oan hinget.

It oerkomt him dan ek net faak dat fryskpraters-fan-hûs-út miene dat se him ferbetterje moatte om in hollanisme. Wol krijt er soms it ferwyt dat syn taal de âldfrinzige kant neist is. Sa brûkte er oait de siswize ‘in frouljushân en in hynstebek steane noait stil’. Dy hie er koart dêrfoar yn in KFFB-roman lêzen.

Dichteres Baukje Wytsma hie it laitsjen net ynhâlde kinnen. Dat soarte fan siswizen koene echt net mear, hie se de kommissaris ûnder de noas wreau. Boppedat wie it yn de útdrukking net ‘hynstebek’, mar ‘skieppebek’. Net samar alles oannimme wat in KFFB-auteur opskriuwt dus.

Dat er as studint yn Ljouwert telâne kaam, wie om’t de Thorbecke Academie dêr it iennichste ynstitút yn Nederlân wie dat minsken oplate ta funksjes yn it iepenbier bestjoer. FNP’er Theunis Piersma wie ien fan syn dosinten. ‘Ik sei op in dei tsjin him: “U bent van die Friese partij, kunt u mij vertellen waar ik Fries kan leren?” Ik hie in klasgenoat út Grou sok moai Frysk praten heard, ik tocht: dat wol ik ek leare.’

Piersma ferwiisde de jonge studint nei de Afûk. Martsje Miedema waard syn dosint, de kursus dy’t er folge wie *Bekjegau*. Arno Brok: ‘De earste les gie oer kofjedrinken: swarte kofje, kofje mei molke, kofje mei sûker, kofje mei sûker en molke, reauke.’

It eksamen helle er, om’t er muoite hie mei de tiidwurden, mei de hakken oer de sleat. ‘Dat wie noch yn Sealen Schaaf. Der hong allegear



reek oer de stêd, wit ik noch. It wie de deis fan de Wibrabrân.’

As provinsjaal bestjoerslid fan de VVD fernaam er hoe belangryk it is om de taal fan de minsken te praten: hy krige folle makliker kontakt. Doe’t er wethâlder fan Ljouwert wie, giene se mei it folsleine kolleezje op Fryske les. De tiid dat Ljouwert mei de rêch nei Fryslân stie, wie foarby. Yn 2000 naam er him foar om op de regionale radio en telefyzje allinne noch mar Frysk te praten. En dêr hat er him oan holden.

Arno Brok: ‘Dat wie in prinsipiële kar. As in bestjoerder dy’t fan bûten de provinsje komt sjen lit dat er it Frysk behearsket, is der foar oaren – oft se de taal fan hûs út prate of net – gjin reden mear om it Frysk net te brûken.’

‘Se ferwieten my wolris dat myn Frysk bekakt wie.’

Hy waard de Fryske taal noch djipper ynsûge doe’t Afûk-foarsitter Wietze de Haan him yn 2003 belle mei de fraach oft er him opfolge woe. Brok, dy’t krekt ta boargemaster fan Snits beneamd wie, hapte ta. ‘It wie in moai bestjoer mei in grut ferskaat oan minsken. Der sieten in pear echte djipfriezen yn, ik wie de iennichste dy’t it Frysk net fan hûs út prate.’

Hy hie him it Frysk yn de jierren dêrfoar wol safier eigen makke, dat er mei syn taalgebrûk net út ‘e toan foel by de Afûk. Elkoar pleagjend wat ferbetterje, lykas mei it ferskil tusken de hynstebek en de skieppebek, dêr

bleau it meast by. Brok: ‘Se ferwieten my wolris dat myn Frysk bekakt wie. “Wês bliid dat ik Frysk praat,” sei ik dan, “myn Nederlânsk is noch folle affektearder.”’

Fan it ‘folgjend taalbelied’ – by mannich gemeente it útgongspunt – moat de kommissaris neat ha. By him is it Frysk de earste taal. Iepeningen docht er yn prinsipe yn it Frysk en as er wit dat in protte gasten fan bûten de provinsje komme, soarget er derfoar dat dy op syn minst in oantal alineas yn it Frysk te ferstouwen krije.

Op it Provinsjehûs praat er altyd Frysk en hy fernimt nei in jier al dat soks ynfloed hat. Amtners dy’t thús wol Frysk prate mar yn it Provinsjehûs hast konsekwint Nederlânsk praten, brûke it Frysk no folle faker op it wurk. It docht Arno Brok goed dat soks min ofte mear automatysk sa giet. ‘As it om it Frysk op it Provinsjehûs giet, sis ik altyd: Net om’t it moat, mar om’t it heart.’






‘Wat ek meispilet is dat it Frysk yntrinsyk in moaiere taal is as it Nederlânsk. It is poëtysker, ekspressiver, hat in prachtich idioom en faak kinst yn it Frysk koarter om ‘e hoeke as yn it Nederlânsk.’

Oer de takomst fan it Frysk is Arno Brok net al te somber. ‘Ik begryp de minsken dy’t har soargen meitsje, ik wit dat soks fuortkomt út passy en leafde foar de taal. Mar taal is net statysk, taal feroaret. Dat jildt ek foar hoe’t minsken har in taal eigen meitsje. Der is wol warskôge dat troch *eduFrysk* it oantal Afûkkursussen ôfnimt. Dan sille der ris wat minder minsken oan in groepskursus meidwaan, mar wat hindert dat as oaren ynternet brûke om Frysk te learen?’

‘Foar minsken dy’t wat betsjutte wolle yn de maatskippij is it Frysk noch altyd ûnmisber. Miskien wurdt it Frysk allinne noch mar belangriker. Nim it teäter. Tritich jier lyn hiest allinne Teake van der Meer. No ja, by wize fan sprekken dan. Ast sjochst wat der tsjintwurdich oan teäter en muzyk yn it Frysk is, dat is folle mear.’

‘Mar it begjint dermei dat it Frysk goed ferankere is yn it basisûnderwiis. Ut dy nulmjitting lêstendeis kaam nei foaren dat dêr noch fan alles oan mankearret. Mar ik wit dat de ûnderwiisynspeksje der posityf yn stiet en dat dy der alles oan dwaan wol om dat te ferbetterjen.’

‘De takomst fan it Frysk falt en stiet mei de attitude fan de âlden, de ûnderwizers, de ynspeksje en oare belutsenen. Ik ha der fertrouwen yn dat dy goed is.’





It pân Kanaalstrjitte/Emmakade dêr't de Afûk yn 1981 in
nij ûnderkommen krige.

TAAL- PROMOASJE

Salang't der Frysk praat wurdt, wurdt der ek oer praat

Sûnt it oannimmen fan de Ramtnota Taalbelied yn 1991 heart de promoasje fan de Fryske taal offisjeel ta de taken fan de Afûk. Unoffisjeel wie dy taalpromoasje foar Koen Eekma syn gefoel al úteinset doe't er koart nei syn oanstelling yn 1990 de doar fan in keammerke yn it magazyn fan it Afûkgebou oan de Emmakaai iepene.

It hokje fan in pear kante meter wie ynsletten troch rigen boekekasten sûnder ein, sels in rûtsje as ferbining mei de bûtenwrâld koe der net ôf. Dy benaude romte wie iroanysk genôch it domein fan de meiwurkster foar de bûtentsjinst: Alian Akkermans.

Alian Akkermans har taak wie it om Fryske boeken op braderyen te sliten en mei kisten fol berneboeken by de skoallen lâns te riden. Wylst se de nije direkteur foargie troch it Afûkgebou, spuide se har ideeën oer hoe't it ek oars koe. Se soene eins mei de âlden fan lytse bern begjinne moatte, want dat is de generaasje dy't it Frysk as earste trochjout. As it goed is lêze dy âlden de bern foar en dêrom soe der eins in tydskrift komme moatte foar de berne-opfang en de

pjutteboartersplakken, fol foarlêserhaaltsjes, dy't de liedsters en de heiten en memmen ...

Of nee, dat komt aanst fansels. Earst it offisjele begjin: de Ramtnota Taalbelied út 1991. Mei dy nota fan deputearre Johanneke Liemburg en provinsjaal amtner Jannewietske de Vries woe de provinsje bydrage oan in sterkere posysje fan it Frysk yn in oantal domeinen lykas de oerheid, de soarch, de rjochtbank en de kultuersektor.

In spesjaal foar dat doel op te rjochtsjen Stipepunt Frysk soe dat útfiere moatte. Alhoewol't yn earste ynstânsje de gedachten útgien wiene nei in folslein nij orgaan, folge al gau it beslút om dat Stipepunt ûnder te bringen by de Afûk.



Dêrmei krige dy der neist it jaan fan kursussen en it útjaan fan boeken in tredde taak by: de promoasje fan de Fryske taal.

'In punky frommes mei fjouwer kleuren hier.'

Ingrid Wagenaar – meiwurkster fan Frysk en Frij en behearder fan it museum yn Jannum – waard oanlutsen om it Stipepunt Frysk stal te jaan. Se waard haadredakteur fan de F-side – in side mei Fryske artikels yn de beide provinsjale deiblêden – en fan in rychje tematydskriften lykas ûnder oaren *Natoer*, *Skoalle*, *Bern* en *Boek*. Ingrid krige al gau in kollega yn de persoan fan Mirjam Vellinga. It earste kontakt mei Mirjam

stiet Koen Eekma noch helder foar de geast. 'Wy sieten doe yn it Fryslânhus oan Achter de Hoven. Ik krige in telefoantsje fan in jonge frou dy't Frysk studearre hie en dy't om wurk socht. Ik sei earlik dat wy neat foar har hiene, mar dat se bêst ris lânskomme mocht.'

'In pear dagen letter hie 'k in jong, wat punky frommes by my op kantoar mei fjouwer kleuren hier. Se wie kaam om ús eefkes witte te litten dat se der wie, se woe alles wol dwaan. Ik tocht: as wy echt wat mei it Frysk wolle, as wy jonge minsken berikke wolle, dan moatte wy sokken ha. Ik hie har net folle te bieden, ik sei dat se wol in pear dagen wyks yn de winkel wurkje koe en dat wy dêrnei wol fierder sjen soene. Dat hat ien fan de bêste beslissingen west dy't ik naam ha.'

Nei in skoftsje boeken ferkocht te hawwen, skode Mirjam Vellinga oan as meiwurkster fan it Stipepunt Frysk. Letter is se Ingrid Wagenaar opfolge as haad taalpromoasje. Tsjintwurdich jout se lieding oan in hiel rychje projekten, lykas it Frysk yn de soarch, Frysk by gemeenten, de aksje Praat mar Frysk en it Talepaviljoen fan Lân fan taal.

Lân fan Taal

Nei't de Popakademy besit nommen hie fan it Fryslânhûs, waard de Afûk mei Tresoar en Historisch Centrum Leeuwarden ûnderdiel fan in nij kultuerhistoarysk konglomeraat op de Bûterhoeke. Tresoar krige yn 2007 in nije direkteur: Bert Looper. Yn ien fan de earste petearen mei Koen Eekma liet er him ûntfalle dat er de Fryske literatuer mear sichtber meitsje woe. De fan provinsjewege frege taalpromoasje wie de Afûk op dat stuit al sa eigen wurden, dat Eekma it idee fan Looper daliks ferbrede: net allinne de literatuer, de Fryske taal as gehiel moast mear sichtber wurde.

It tafal woe dat de gemeente Ljouwert yn dyselde snuorje minsken en ynstellingen útnûge om foar de manifestaasje Kloppend Hart plannen te meitsjen foar in oantal noch te bebouwen stikjes fan de binnenstêd. Ien fan dy stikjes wie de noardkant fan it Aldehoustertsjerkhôf, it Heer Ivostraatje. De meiwurkers fan de Afûkwinkel seagen derop út. Soe dat, betochten Looper en Eekma, net in moai plak wêze om it ferhaal fan it Frysk te fertellen?

Arsjitekt Johan Sijtsma makke in ûntwerp foar Lân fan Taal, in gebou mei romte foar eksposysjes, hoareka, winkels en in poadium. It plan waard by de gemeente en de provinsje goed ûntfongen, al makke it priiskaartsje

fan 7 miljoen euro de beide oerheden net echt fleurich. Doe't Jannewietske de Vries – ûnderwilens fan amtner opklommen ta kultuerdeputearre – ferkundige dat se mear yn aktiviteiten en minder yn stiennen ynvestearje woe, krige it gebou in plakje op de list 'moai mar kânsleas'.

Nije kânsen kamen doe't Ljouwert de titel Kulturele Haadstêd 2018 yn 'e wacht slepe. De Fryske taal soe ien fan de kearnpunten wurde by de presintaasje fan Fryslân oan Europa, in better momint om Lân fan Taal opnij ûnder de oandacht te bringen soe der fuort net komme. En om't it mar foar ien jier wie, koe folstien wurde mei in ienfâldich gebou dat yn jannewaris 2019 wer plat gie. Njonken Tresoar en de Afûk waarden ek de musea, de bibleteken en ynstellingen lykas Historisch Centrum Leeuwarden, Keunstwurk en ûnderwiisbegeliedingstsjinst Cedin yn de plannen behelle.

Deltaplan Frysk

Nei de ferkiezingsen foar Provinsjale Steaten yn 2015 naam Sietske Poepjes fan it CDA it kultuerstokje oer fan PvdA-deputearre Jannewietske de Vries. It nije kolleezje kaam mei in Deltaplan foar it Frysk. Fan de 21 miljoen euro dy't dêrfoar útlutsen waarden, wiene 5 miljoen bestimd foar Lân fan Taal.

De ferplichtingen dy't dat bedrach meibracht wiene te grut foar Tresoar en de Afûk om it der eefkes by te dwaan. Siart Smit, earder saaklik lieder fan Tryater, waard oanlutsen foar de útfiering fan Lân fan Taal.

De gemeente joech ûnderwilens oan dat se dochs mear foar permaninte bebouwing fan it Heer Ivostraatje fielden. Arsjitekt Stefan Prins fan buro Powerhouse Company makke it ûntwerp foar Obe, it gebou dêr't Lân fan



Taal sûnt begjin dit jier foar in part yn ûnderbrocht is.

Foar in part, want Lân fan Taal is grutter as mei Obe te behappen is. Tresoar organisearret noch fan alles yn it eigen gebou en de Afûk draacht oan Kulturele Haadstêd by mei de Taletún yn de Prinsetún.

Sintraal yn dy tún stiet in troch BUOG makke paviljoen. It hat de foarm fan twa ferienige frouljusfigueren: MeM, as symboal fan meartalichheid. Under de rok

fan de beide froulju is romte foar debat, foarstellingen, konserten en moetingen tusken sprekkers fan alle mooglike talen. De bûtenkant fan de rok wurdt beklaaid mei buorden dêr't besikers it moaiste wurd út de eigen taal op skriuwe meie.

Omtinken is der foar talen fan Europeeske minderheden en Fryske minderheden en foar alle yn Ljouwert sprutsen talen. It idee is dat minsken yn dat paviljoen de eigen taal eefkes op de eftergrûn sette en har iepenstelle foar dy fan in oar.

De Taletún beheint him net ta it paviljoen, yn de Prinsetún komme ek in oantal objekten dy't mei taal te meitsjen hawwe. Wat dêrby it meast yn it each springt, binne de semafoaren. Sokke konstruksjes waarden al brûkt troch soldaten yn de Napoleontyske tiid, om oer grutte ôfstannen (soms hûnderten kilometers) fluch mei-elkoar kommunisearje te kinnen. De Taletún wol benammen in ekskurzjeplak wurde foar basisskoallen. As oanfolling dêrop is der sûnt begjin dit jier in app mei in skiedkundige speurtocht troch Ljouwert.

Ek de Taalkaravaan hat in plakje krigen yn it programma fan Lân fan Taal. In oantal skriuwers en artysten treedt op by de Admiraliteitsdagen yn Dokkum, it festival Simmerdeis yn Drachten, it Oranjewoud Festival, it Tall Ships evenemint yn Harns en Oerol op Skylge.

Brune gerdinen

Koen Eekma is bliid en grutsk dat er ôfskied fan de Afûk nimme kin mei Lân fan Taal as útsetter. 'Ast sjochst wêr't wy weikomme. Ik bin begûn op de Emmakaai yn in ferâldere winkelgebou mei fan dy donkerbrune feloersgerdinen foar de ruten en mei lampen dy't net baarnden. Ik wit noch dy kears dat ik in lyts jonkje tsjin syn mem sizzen hearde: "Kijk mam, het lijkt wel een museum."'

'Ik wit ek noch dat ik, krekt nei't ik begûn wie, mei Griet van Duinen fan de omrop yn hotel De Pauw siet te praten. Se frege my wat ik fûn fan de diskusje yn Tytsjerksteradiel oer de plaknammen. Dêr waard doe in fûle striid útfochten tusken de gemeente, dy't de plaknammen yn it Frysk ha woe, en sokken lykas Spithost dy't dat opkeare woene. Ik wist eefkes net wat ik dêrop sizze moast.'

'Twa partijen dy't beide de hakken yn it sân sette en elkoar op libben en dea bestride, dat helpt it Frysk net foarút. Ik haw mysels ek noait as taalstrider oppenarre: ik haw gjin ynstjoerde stikken skreaun, ik haw noait yn Warns west. Dat is in bewuste kar. De Afûk is in profesjonele organisaasje dy't de rykdom fan meartalichheid better sichtber meitsje wol. En dy't it Frysk fierder helpt troch goede produkten te meitsjen. In twatalige opfieding biedt minsken in ideale iepening nei oare talen en kultueren.'

'In dokter moat witte wat "it koe minder" betsjut.'

'De Afûk set him yn foar in logysk plak fan it Frysk yn de maatskippij. Yn de soarch bygelyks: dêr is it fan grut belang dat pasjint en personiel elkoar fersteane. In dokter moat begripe wat in pasjint bedoelt as er "it koe minder" of "it koe better" seit. Net ien dy't dêr wat op tsjin ha kin.'

'Wy wolle ús ynsette foar it Frysk op in manier dy't minsken mei elkoar ferbynt. Dat docht Lân fan Taal ek. Dêrmei steane wy yn it hert fan de haadstêd fan Fryslân. De Taletún ferbynt minsken mei elkoar, mar it is ek it plak dêr't minsken it debat oer it Frysk oangeane. Want dat bliuwt. Salang't der Frysk praat wurdt, wurdt der ek oer praat.'

Tomke

Eefkes werom nei it souderkeammerke fan Alian Akkermans. Se makke it geregeld mei dat se mei har Fryske boeken op in bradery tusken it Griene Krús en in houtsnijwurker,



Tomke, in lêsbefoarderingsprojekt fan de Afûk foar pjutten.

tusken it goede doel en de hobbyist, yn stie. Net in omjouwing dêr't de minsken oerrûnen fan in baarnend langstme nei literatuer. Der moasten bettere manieren wêze om de minsken oan it lêzen fan Fryske boeken te krijen.

Eins soene bern foardat se nei skoalle giene al mear mei it Frysk yn oanrekkening komme moatte. In tydskrift foar pjutten soe pjutteliedsters en jonge âlden ta foarlêzen yn it Frysk oansette kinne, om dêrmei in basis foar letter te lizzen. Oaren by de Afûk dielden dy miening en har entûsjasme. Yn earste ynstânsje waard, krekt as by it meitsjen fan berneboeken, ynset op ynternasjonale gearwurking. Yn Baskelân bestie al sa'n blêd, mooglik dat se dêrby oanslute koene. It probleem wie dat de tekeningen yn dat tydskrift sa Baskysk en Spaansk oandiene, dat dy amper punten fan werkenning foar Fryske bern joegen.

In subsydzje fan de Stichting Lezen en de gearwurking mei de Centrale Bibliotheekdienst (CBD) joegen de mooglikheid om op eigen manneboet in tydskrift op te setten. Alian Akkermans en Syts Ypenga fan de CBD betochten de namme Tomke. Se fregen tekener Luuk Klazenga om him in gesicht te jaan en de skriuwsters Riemkje Pitstra en Auck Peanstra om ferhalen oer Tomke te betinken.

It sukses kaam net fansels. De measte pjutteboartersplakken en sintra foar berne-opfang hiene har eigen boekjes, in abonnemint op in nij tydskrift sieten se net op te wachtsjen. Mar Alian Akkermans en Syts Ypenga hâlden oan – as storein – en lang om let waarden se dêrfoar beleanne en koene se earst in stik as wat en letter hieltyd mear ôfnimmers notearje.

Tomke is al lang net mear allinne in tydskrift, der binne ek boekjes, filmkes, radioútstjoeringen en spultsjes. Tryater hat

der in pear jier lyn sels in teäterfoarstelling oer makke. Tomke hat in nammebekendheid fan 98 persint, 80 persint fan de ynstellingen dy't bern opheine, meitsje der gebrûk fan. 'Mar Syts en Alian hawwe it foar de helsdoarren weislepe moatten,' seit Koen Eekma.

Frysk drama

Behalve mei *Tomke* is de Afûk ek anneks mei *Bear Boeloe*. Omrop Fryslân wie begjin jierren njoggentich úteinset mei Fryske telefyzje. Ien fan de winsken fan programmalieder Sjoerd Ybema wie in eigen stripeftige rige foar lytse bern. Der wie allinne gjin jild om dêr in striptekener foar yn te hieren.

It âlde medium boekprintkeunst stuts it nije medium telefyzje (foar it Frysk wie dat nij) de helpende hân ta. As de omrop mei de útstjoeringen fan *Bear Boeloe* rêde, soe de Afûk dêr boeken fan meitsje kinne. De opbringst dêrfan koe brûkt wurde om striptekeneres Helena de Boer te beteljen. De earste útstjoering wie yn 1995, it earste boek ferskynde yn datselde jier.

Sjoerd Ybema en Koen Eekma praten faker mei elkoar. Sa waarden se it der op in stuit oer iens dat, as it wat wurde soe mei telefyzje yn it Frysk, der ek in Fryske dramasearje komme moast. Foarbylden dy't har foar eagen stiene wiene it Ierske *Ballykissangel* en it Skotske *Monarch of the Glen*, searjes oer it plattelân mei in soad omtinken foar hoe't minsken de âlde en de nije tiid belibje. Artistyk lieder Jos Thie fan Tryater waard deryn behelle, want it wie foar de Afûk en de Omrop sa klear as in klûntsje dat it sûnder Fryslâns iennichste profesjonele toanielselskip net slagje soe om drama op nivo te meitsjen. Mei har trijen betochten se in konsept foar in searje, dy't as wurkttitel

De Hoeke krige. Dat wie de namme fan it doarpskafee dêr't alle personaazjes har kommen hiene. Alle ûntjouwingen, alle feroaringen op it Fryske plattelân, soene dêr byelkoar komme. In oantal Fryske skriuwers waarden útnûge om har yn in kursus de earste begjinsels fan it senarioskriuwen eigen te meitsjen.

Drama meitsje is djoer, it soe allinne kâns fan slagjen hawwe as ek de lanlike fûnsen meibetellen. En om't dy fûnsen gjin jild joegen foar regionale produksjes, soene se in lanlike omrop safier krije moatte om de searje ek út te stjoeren.

De ûnderhannelingen wiene al in moai ein op wei, it senario foar de earste ôflevering wie al klear, doe't Omrop Fryslân in nije direkteur krige: Pim Gaanderse. Ien fan de earsten dy't by him oankloppe, wie filmregisseur Steven de Jong. Hy hie in idee foar in Fryske soap: *Baas boppe baas*. Gaanderse tocht: in soap kostet mar in fraksje fan drama, dat moat altyd wêze.

Baas boppe baas waard, mei troch haadrolspiler Rense Westra, in grut sukses. Koen Eekma lykwols freget him noch altyd ôf oft it net better west hie as *De Hoeke* in kâns krigen hie. '*Baas boppe baas* wie in koarte-termynsukses. Mei as resultaat dat de kontakten mei de lanlike fûnsen en omroppen radikaal ôfkapt waarden. As dat net bard wie, hie der no miskien in sterkere ynfrastuktuer west mei regionale en lanlike partijen.' ■



De Afûk ûntwikkele yn it kader fan Lân fan taal mei Grendel Games en de Fryske Akademy de serious game US: Lân fan taal.

Held fan it Cherokeee

It wie foarich jier by in kongres oer minderheidstalen yn Barcelona dat Mirjam Vellinga yn 'e kunde kaam mei in Cherokeee út Amearika. Hy wie *assistant professor* oan de University of North Carolina en die dêr ûndersyk nei syn eigen memmetaal. Doe't se har namme neamde, frege de man oft se soms de Mirjam Vellinga fan de opblaaslippen en de Praat mar Frysk-kampanje wie. Nei't se dy fraach befêstigjend beäntwurde hie, rôp de man: "Do bist myn held."

De oantsjutting 'held' yn ferbân mei in yndianestam sil by de measte Friezen earder assosjaasjes oproppe mei Winnetou of Witte Veder as mei in Afûk-meiwurkster. Dat Mirjam sil al eefkes ferheard opsjoen hawwe. It die bliken dat de man har al in moai skoft op de sosjale media folge en dat er alderhanne promoasje-aktiveiten foar it Frysk oernommen hie om it Cherokeee te befoarderjen.

En dan te betinken dat kollega-studenten goed tweintich jier earder, doe't se oan de Ryksuniversiteit Grins studearre, suver in bytsje begrutsjen mei Mirjam hân hiene om't

se har mei de kar foar it fak Frysk foar de rest fan har libben yn de provinsje opslute soe. Dat is al eefkes oars útpakt dus. 'Kataloanië, Baskelân, Wales, Ierlân, ik kom oeral en krij hjir by de Afûk minsken oeral wei oer de flier.'

'Ik sit no tweintich jier by de Afûk, al haw ik dat idee hielendal net. Der hawwe har wol oare mooglikheden foardien, mar dan fregest dy alle kearen ôf: wat gean ik derop foarút? Ik krij hjir alle romte om myn eigen linen út te setten, sûnder dat der in direkteur is dy't konstant oer myn skouder meisjocht. Hast in idee? Wurkje it út, sjoch hoefier ast dêrmei komst en oft it finansjeel út kin. Dat



wurket, sûnder dy frijheid krijst in hiele starre organisaasje.’

Se rûn al eefkes om mei it idee foar in luchtige, algemiene promoasje-aksje foar it Frysk, doe’t se yn 2007 mei eigen eagen seach hoe’t se yn Wales de minsken mei moderne middels en goed útsjend materiaal útnûgen om Welsh te praten. Mirjam Vellinga: ‘Hiel oars as yn dy tiid meast mei it Frysk barde. Dat wie faak mei it fingerke: dreech en swier, op in manier dy’t jongeren absolút net oansprik.’

Mei in oantal ideeën is se nei Buro KLEI gien. Dat resultearre yn posters, stickers, in praatpeal en opblaaslippen. In idee dat noch oer wie, wie om in bekende Fries – de nammen fan Sven Kramer en Doutzen Kroes wiene fallen – as ambassadeur foar it Frysk optrede te litten.

‘Dat krijst net foarelkoar’, wie de earste reaksje fan in oantal kollega’s. Mirjam Vellinga: ‘It tafal woe dat ik op dat stuit dwaande wie mei it Frysk yn Tytsjerksteradiel en in ôfspraak mei wethâlder Houkje Rijpstra hie. Wy hiene it der eefkes oer, doe fertelde se dat Doutzen de oare deis op it gemeentehûs komme soe om har rydbewiis op te heljen. Oft se har eefkes oansjitte moast? Sa is it gien en sa binne de opblaaslippen de Tút fan Doutzen wurden.’

‘Wy moatte net de taalplysje úthingje.’

Wat by de promoasje fan it Frysk meiwierre, wie de opkomst fan de sosjale media. Hyves, Twitter, Facebook, Instagram – de Afûk hat al dy media fanôf it begjin maksimaal ynset om de Fryske jongerein te berikken. De

Afûk rûn sels safier foarop dat gemeenten en bedriuwen Mirjam Vellinga hieltyd faker fregen om útlis te jaan oer hoe’t se ynweners en klanten mei help fan dy sosjale media berikke koene. ‘Dat wie tagelyk in moaie gelegenheid om it Frysk by sokken noch wat te promoaten.’

Net allinne Nederlânske gemeenten en bedriuwen, ek organisaasjes yn Skotlân, Ierlân, Baskelân en Wales fregen Mirjam Vellinga om har it ien en oar oer it ynsetten fan sosjale media te fertellen. Mirjam: ‘Yn Wales nota bene, dêr’t ik it hiele idee fan Praat mar Frysk opdien hie. It luchtige, net daliks yn de ferdigening sjitte ast op it brûken fan it Frysk oansprutsen wurdst, net de taalplysje úthingje, dat hie ik leard yn Wales.’

‘Net mei de brommer op it iis komme.’

De Praat mar Frysk-kampanje rint noch altyd. Alle aksjes hawwe it positive en gauris ek it boartlike dat Mirjam yn de aksjes foar it Welsh opfallen wie. Bedriuwen dy’t it Frysk stimulearje krije in kameraploech fan de Afûk oer de flier en in kreas filmke op YouTube, kafees steane yn de rige om de Pubkwis Praat mar Frysk spylje te kinnen, de opblaaslippen wurde útdield oan winkeleigeners en yn Terherne seagen de ynweners en de toeristen foarich jier op in moarn oeral buordsjes mei teksten lykas ‘Wat sit dyn hier leuk’, ‘Net mei de brommer op it iis komme’ en (by de bushalte) ‘Wat binne wy moai fuort’. Wat Terherne oangiet: it is it doel om sokke ‘guerriljaeftige’ aksjes ek yn oare doarpen te ûndernimmen.

Ferlykber mei dy yn Terherne wie de aksje yn Ried, dêr’t op in dei op alle adressen

anonym leafdesgedichten besoarge waarden. It hiele doarp prate deroer en frege him ôf wa’t him efter dy poëtyske leafdeseksploazje ferskûle. Om te foarkommen dat de aksje op skiedingen útrûn, hawwe de ôfstjoerders de oare deis opheldering fan saken jûn.

Minder boartlik miskien, mar wol mei deselde positive ynstek, binne de aksjes om it Frysk in plak te jaan yn ‘e soarch. Bygelyks troch yn sikehuzen it petear oan te gean oer hoe’t mei in bewust taalbelied de kwaliteit fan de soarch ferhege wurde kin. Pasjinten fiele har better op har gemak en prate makliker oer alderhanne problemen as dat yn ‘e memmetaal kin. Yn it MCL yn Ljouwert binne se al safier dat nije pasjinten frege wurdt yn hokker taal se it leafst oansprutsen wurde wolle.

In oantal MBU-studenten fan it Friesland College en ROC Friese Poort hawwe yn opdracht fan de Afûk in eigen ûndersyk dien nei de rol fan taal yn ‘e soarch. De útslach dêrfan wie sadanich dat de skoallen nei oanlieding dêrfan oergien binne op it oanbieden fan Fryske les. Foar dy lessen moast earst wol nij ûnderwiismateriaal ûntwikkele wurde, en der wie mar ien organisaasje dy’t dat meitsje koe. Net earder sil de oantsjutting win-winsituaasje sa goed by in ûndernimmen fan de Afûk past hawwe as doe. Behalve op soarchynstellingen rjochtet de taalpromoasje him ek op gemeenten. De Afûk fersoarget kursussen Frysk foar amtners en advisearret by it taalbelied. Gemeenten kinne der bygelyks foar soargje dat it Frysk mei in abonnemint op Tomke in fêst plak krijt yn de berne-opfang. Mirjam Vellinga: ‘Wat wy foaral sjen litte wolle, is dat it net sa yngewikkeld hoecht te wêzen om it Frysk in plak te jaan yn it gemeentlike belied.’

En dan binne der de ynternasjonale kontakten. Dy meitsje foar Mirjam it wurk noch krekt wat moaier as dat it al is, mar se binne ek foar de Afûk en foar it Frysk fan grut belang neffens har.

‘Der binne yn Nederlân hast gjin minsken dy’t itselde wurk dogge as ik. Allinne dêrom al is it foar my belangryk om op ‘e hichte te bliuwen fan de ûntjouwingen yn it bûtenlân. Dy kennis is ûnmisber foar myn ynspiraasje en foar de ûntwikkeling fan nije ideeën.’

‘It is goed om sa no en dan eefkes boppe de tsjinstelling Frysk-Nederlânsk út te stigen. Hjir moast de eigen taal altyd op it Nederlânsk befjochtsje, op Europeesk nivo sitte in protte talen yn in fergelykbere situaasje. Dan sjochst dat it Frysk net in achterlik boeretaaltsje is, sa’t se yn de Rânestêd faak noch tinke. Yn Europeesk perspektyf tilst dyn taal nei in heger, mear lykweardich nivo.’

Yn 2018 nimt Talepaviljoen MeM – Livingroom of Languages tritich wiken lang in sintraal plak yn by de taalpromoasje. Tsjien wiken steane yn Nederlân sprutsen streektalen sintraal, tsien wiken giet it om Europeeske minderheidstalen en tsien wiken leit it aksint op de ynternasjonale talen dy’t yn Ljouwert sprutsen wurde. ■

Noait om der sels better fan te wurden

As dochter fan in Tynster kommunist is Alian Akkermans net it type dat har sûnder wjeraksel yn alle nukken fan in baas skikt. Dat yn de 25 jier dat se by de Afûk wurke, gie it der soms aardich om wei. 'Mar noait om der sels better fan te wurden. Ik die it om't ik tocht dat it better wie foar de Afûk.'

Se hie noch noait fan de Afûk heard doe't se yn 1986 sollisitearre op in advertinsje yn 'e krante. Se kaam út it ûnderwiis, se hie wol wat mei it Frysk en se woe wol werris oan it wurk, dat dy baan by de Afûk wie krekt wat se socht. Der wiene 58 gadingmakers, mar de kar foel op Alian Akkermans. 'It feit dat A.P. de Vries foarsitter fan de Afûk wie – dy koe ik út de wrâld fan it amateurtoaniel – sil wol yn myn foardiel west ha.'

Dat se de baan net oan Afûk-direkteur Rindert Straatsma te tankjen hie, waard daliks al dúdlik doe't dy har belle om te sizzen dat sy it wurden wie. 'Hy sei: "Jo ha

de baan krigen, mar ik hie leaver hân dat de frou op nûmer twa him krigen hie. Dy is krekt by de man wei en dy hat it jild mear noadich as jo." Doe't ik dy frou net lang dêrnei tsjinkaam, sei ik: "Meikomme, do krijst de helte fan myn baan." Mar dat koe net neffens Rindert, dat joech tefolle gedonder.'

Alian Akkermans moast as opfolchster fan Koby van der Zwaag de kontakten mei de boekwinkels ûnderhâlde. De legindaryske Nederlânske útjouwer Geert van Oorschoot hie de reputaasje dat er sels de lytste boekwinkels yn de provinsje meardere eksimplaren fan it samle wurk



fan Dostojevski oansmarre koe. Mannich boekferkeaper dûkte ûnder de toanbank as er Van Oorschot oankommen seach. Koby van der Zwaag hie ferlykbere kwaliteiten.

Alian Akkermans: 'De minsken doarden gewoan net nee tsjin har te sizzen. Ik wit noch dat ik foar it earst by de Bruna yn Ljouwert kaam. "Kom mar eefkes mei," sei de man dy't deroer gie. Hy wiisde my steapels Fryske boeken oan dy't dêr al jierren stiene en dy't er mar net kwytrekke. Der wiene fiif boekwinkels dy't net iens mei my prate woene.'

Alian Akkermans yntrodusearre in systeem mei giele ynlistellen yn boeken, dat winkels in better oersjoch joech op wat se ferkocht hiene. Boppedat krigen se it rjocht fan retoer en bea se oan om te helpen by it sliten fan de âlde foarried. 'Ik moast wol: salang't dy winkels de âlde boeken net kwytrekken, hiene se gjin romte foar nije.'

'Ik wie soms sa brutaal as de neten.'

It sturde har dat se op braderyen en jiermerken faak har boeken stie te ferkeapjen neist de kream fan Klaske Snoek fan It Fryske Boek. Folslein ûnnoadich neffens har, want It Fryske Boek ferkocht boeken fan alle útjouwers, ek fan de Afûk dus. 'Doe bin ik nei frou Snoek ta stapt en haw ik mei har ôfptraat dat wy tenei om bar boeken ferkochten. Ja, ik wie soms sa brutaal as de neten.'

It lieding jaan en it omgean mei it personeel wie, sa kaam út in ûndersyk fan de provinsje nei foaren, net de sterkste kant

fan Rindert Straatsma. It bestjoer gie op syk nei in nije direkteur, sûnder dat it personeel dêr in stim yn krige. Alian Akkermans: 'Ik ha sein dat wy dêr net akkoart mei giene. Wy woene witte wa't de nije direkteur waard, wy moasten alle dagen mei him omgean op 't lêst. Jaap Maris wie doe foarsitter, hy seach de reedlikheid dêr wol fan yn en joech ús de mooglikheid om mei te praten.'

'Der kamen twa sollisitaasjekommisjes, ien fan it bestjoer en ien fan it personeel. De sollisitanten melden har earst by ús, dêrnei by it bestjoer. Dat ik ha de hiele rige oan my foarbykommen sjoen. Alle gear minsken út de Fryske beweging en wittenskip: de nammen kinst wol riede. Ik tocht: dit komt op 'e kop ferkeard. Wy moatte net wer sa'n strak-Fryske keardel ha. Dat ik belle Maris en haw him ferteld dat wat ús oanbelanget net ien fan de kandidaten it wurde koe. Hy reagearre wat foarsichtich en sei dat er it ûndersykje soe. Letter haw ik der wat langer mei him oer praat en doe sei er: "Wij nemen niemand, we kijken verder rond."

'Net folle letter kaam Lourens van der Leij fan it Mienskiplik Sintrum foar Underwiisbegelieding mei Koen oan. Ik sei: "Alles goed en bêst, mar wy witte hielendal neat fan dy man. Wy wolle net wer itselde lijen, hy moat earst in jier op proef. En sa is it gien."

'Ik wie soms in kring, mar ik haw noait tsjin minsken fochten. It gie my om 'e saak: om it Frysk en om 'e Afûk. Ik woe net dat de boel oer de kop gie.'





'Meastal diene wy dat mei nije inisjativen. Sa is Tomke ûntstien. Dêrmei woene wy

jonge heiten en memmen sjen litte hoe moai oft meartaligens is. Mar soms moatte jo ek wolris yn ferset komme. Ik wit noch dat alle minsken dy't in kursus Frysk foar net-frysktaligen dien hiene op de Ekskursusdei it boek *Twataligens* kado krije soene. Dêr wiene fierste folle fan printe, kamen se dêr op in maklike manier fan ôf.'


'Dat boek wie sa dreech, ik hie sels de striid nei in pear siden al opjûn. Dêr koest minsken dy't krekt de earste begjinsels fan it Frysk leard hiene, net mei oankomme. Dat wie klearebare antyreklame. De boeken leine al klear by Sealen Schaaf. Ik ha se dêrwei helje litten.'

'It moaie fan it wurkjen by de Afûk wie dat ik altyd mei wat nijs komme koe. En dat die ik mar al te graach. Ik ha de râne ek wolris wat opsocht, ik bin dêr miskien ek wolris oerhinne gien. Dan bestelde ik 5000 T-shirts fan Tomke, om't ik der wis fan wie dat wy dy wol kwytrekken. Dat wie ek sa, mar net yn ien jier. Dan seach Koen dat ik 10.000 euro oan dy T-shirts útjûn hie. Foardat er dêr wat fan sizze koe, rôp ik dan: "Okee, dan betelje ik it sels wol." Dêr koe er net op yngean fansels, mar hy koe der fierder ek net folle mear fan sizze. Op sokke mominten wie ik in freeslik minske.'

'Ik haw in prachtige tiid hân by de Afûk en dat kaam om't ik altyd dwaan kind ha wat ik sels woe. Mar ik ha dêr noait misbrûk fan makke. Doe't ik begûn by de Afûk waarden wy net teld, wêr't wy ek oankloppen. Dat is no, goed tritich jier letter, wol oars.' ■



eppe - polstok(ver)springen halje-trawalje - plotseling, overhaast harkeniel(t)je
 2. als vrijer's avonds een meisje bezoeken krûpelhintsje - 1. krieklip; 2. lieveheersbee
 lytsen - langzamerhand, zachtjes aan noflik - 1. genoeglijk, aangenaam; 2. handzaam
 e - nagebootst, niet echt sydsulver - 1. zilverwerk; 2. wederhelt skewiele - 1. geriev
 k-behaaglijk, gezell - 1. knus tûkelteam(men) - 1. hindernis, belemmering; 2. dw
 ten - katjesspel, spel dat op ruzie uitloopt sarrebarre - oolevaar famke - mei
 (fier)ljeppje - polstok(ver)springen halje-trawalje - plotseling, overhaast harkeniel(t)
 n; 2. als vrijer's avonds een meisje bezoeken krûpelhintsje - 1. krieklip; 2. lieveheersbee
 langzamerhand, zachtjes aan noflik - 1. genoeglijk, aangenaam; 2. handzaam
 bootst, niet echt sydsulver - 1. zilverwerk; 2. wederhelt skewiele - 1. geriev
 smûk - behaaglijk, gezellig, knus tûkelteam(men) - 1. hindernis, belemmering; 2. dw
 n bargebitten - katjesspel, spel dat op ruzie uitloopt sarrebarre - oolevaar famke - mei
 n, verworven (fier)ljeppje - polstok(ver)springen halje-trawalje - plotseling, overha
 ondvisite brengen; 2. als vrijer's avonds een meisje bezoeken krûpelhintsje - 1. krieklip
 moeder njonkelytsen - langzamerhand, zachtjes aan noflik - 1. genoeglijk, aangenaam
 sabearre - nagebootst, niet echt sydsulver - 1. zilverwerk; 2. wederhelt skewiele - 1. geriev
 smûk - behaaglijk, gezellig, knus tûkelteam(men) - 1. hindernis, belemmering; 2. dw





It Fryslânhûs oan Achter de Hoven 23 yn Ljouwert dêr't de Afûk sûnt 1994 mei oare Fryske organisaasjes húsfêste wie.

TAAL- OERDRACHT

Wy tinke fanút de praktyk

De Afûk makket learmiddels foar it basisûnderwiis, it fuortset ûnderwiis en sûnt koart ek foar it middelber beropsûnderwiis. Digitale metoaden en games wurde dêrby hieltyd wichtiger.

Makke de Afûk yn de begjinjierren noch wolris gebrûk fan troch oaren ûntwikkele metoaden, tsjintwurdich farre de ûnderwiismeiwurkers safolle mooglik in eigen koers.

Oant foar in pear jier makke it basisûnderwiis foar it fak Frysk foaral gebrûk fan it earder troch Cedin mei help fan de Afûk ûntwikkele *Studio F*. In oantal jierren lyn krige de Afûk de opdracht fan de provinsje om *Studio F* by de tiid te bringen en te digitalisearjen.

Safier is it net kommen. De ûnderwiis-ôfdieling fan de Afûk hat net domwei de âlde metoade út de kast pakt, yn stee dêrfan binne de meiwurkers mei *Studio F* yn 'e efterholle yn petear gien mei de skoallen. Projektlieder Lisa Boersma: 'Wy tinke fanút de praktyk en wy geane leaver de útdaging oan om wat nijs te betinken. Wy hawwe trije groepkes fan elk fyftjin leararen foarme – út de ûnder-,

de midden- en de boppebou – om't wy witte woene hoe't wy de skoallen sâ fasilitearje kinne dat se it materiaal ek echt brûke.' 'Dêrneist is de metoade keppele oan de keardoelen foar it fak Frysk, wêrtroch't skoallen foldogge oan de taaldoelen dy't der foar it Frysk omskreaun wurde. Dat kin digitaal byholden wurde.'

'Se moasten it sels byelkoar sykje, alle kearen wer.'

Ut de petearen mei de ûnderbou kaam nei foaren dat se dêr hast altyd tematysk wurkje. It ûnderwiis konsintrearret him op tema's, lykas bygelyks de seizoenen, it liif, feesten, bisten en de natuer. Dat soene se ek wol mei it Frysk dwaan wolle, mar dat foel yn 'e praktyk noch net ta.



Lisa Boersma: 'Der is safolle, seine se. Hiest de Omrop, de boekjes, de apps, de cd's mei ferskes, se wiene it oersicht kwyt. Se moasten it sels byelkoar sykje, alle kearen wer. As wy echt wat woenen, dan moasten wy ek tematysk wurkje.'

Foar de ûnderbou binne 48 tema's útsocht. Alles wat der oan lesmateriaal wie – en wat der noch net wie, hawwe se makke – is by ien fan dy tema's ûnderbrocht. As in learaar in les meitsje wol oer feesten of bisten, dan sjocht er mei ien druk op de knop wat

der oan boekjes en digitale mooglikheden beskikber is yn it Frysk.

De nije metoade is ûnder de namme *Spoar 8* foar it skoalseizoen 2016-2017 yn 'e merk set foar de ûnder-, de midden- en de boppebou. Lisa Boersma: 'Guon skoallen koene net wachtsje om *Spoar 8* te brûken. Sa krigen wy in reaksje binnen fan in skoalle dy't sa gau mooglik oan 'e slach woe! "Slút ús mar oan! As it kin, nije wike." Koen Eekma foarsei: "As tweintich skoallen it kommende jier *Spoar 8* brûke, bin ik bliid." It waarden

der 85. Dit jier binne it der 143 en berikke wy 13.500 learlingen.’

Ek foar de midden- en boppebou wiene fyftjin leararen út it basisûnderwiis oanskood. Dêr krige Lisa Boersma te hearren dat se ferlet hiene fan struktuer en fan in oer in hiel skoaljier útrôle lesopbou.

En dy is der kommen. *Spoar 8* foar de midden- en boppebou bestiet út acht blokken fan elk fjouwer lessen. Elk blok is ynrjochte oan de hân fan in tema lykas technyk, sport of feest. De earste les is in yntroduksje op it tema. Dy begjint altyd mei in floch fan in learling oer it tema yn kwestje. De flochs binne makke mei learlingen út de brêgeklasse fan it fuortset ûnderwiis. Dat om’t bern út soarte mear belangstelling hawwe foar ien dy’t krekt wat âlder is as foar in leeftiidsgenoat.

Yn les twa en trije geane de learlingen oan de hân fan alderhanne digitale opdrachten sels oan it wurk, foar de fjirde les kin de learaar kieze út in tram- en in treinopdracht. De earste is wat lytser, de twadde ferget organisatoarysk wat mear omtinken. In tramopdracht kin it skriuwen fan in gedicht wêze, in treinopdracht it ynterviewen fan bygelyks in boer of it organisearjen – en mûnling presintearjen – fan in moadeshow.

‘Wichtich ûnderdiel fan de nije lesmetoaden binne de games.’

It moaie fan in digitale metoade is dat de korreksjes by de opdrachten ynboud binne en dat de learaar dus gjin skriften nei hoecht te sjen.

Wat de namme oangiet: de 8 stiet foar de acht groepen yn it basisûnderwiis. It wurd ‘spoar’ jout oan dat der net ien rûte is om de Fryske taal te learen, mar dat der in hiel soad spoaren binne om fan A nei B te kommen. Dat mei it each op de nochal ûngelikense startsituaasjes fan de bern.

Flotwei Frysk

Op de basisskoalle wie it Frysk al sûnt 1985 in ferplicht fak, mei yngong fan 1993 krigen de skoallen foar it fuortset ûnderwiis opdracht om de taal oan te bieden yn de earste klasse fan de ûnderbou. Om’t de bern al jierrenlang Frysk yn it basisûnderwiis hân hiene, wie der – sa waard tocht – gjin reden om de leardoelen foar it Frysk oars te formulearjen as foar it Nederlânsk. Tiid om eigen learmiddels te ûntwikkeljen wie der net, dêrom socht de Afûk kontakt mei útjouwer Noordhoff. De metoade *Nieuw Nederlands* koe moai as útgongspunt tsjinje foar in eigen metoade. Dy krige as titel: *Flotwei Frysk*.

De gearwurking mei Noordhoff – dy’t doe noch ûnder de namme Wolters-Noordhoff operearre – mocht dan ûnder tiidsdruk ta stân kommen wêze, it hie net allinne redaksjoneel mar ek organisatoarysk foardielen. Foar it meitsjen fan de boeken – it printsjen bygelyks barde yn Sina – koe de Afûk gebrûk meitsje fan de produksjeline fan de Grinzer útjouwer. Om’t it de iennichste metoade wie, bestelden de skoallen de boeken massaal. Dat ek finansjeel wiene der foardielen.

Flotwei Frysk makke gjin ûnderskied yn nivo. Learlingen fan it vmbo krigen deselde lesstof foarset as dy fan it vwo. It wie oan de leararen om de lessen út te sykjen dy’t geskikt wiene foar de eigen learlingen en dy



dêr sels by oan ta passen. In útsûndering waard makke foar it yndividueel vmbo, dêr bestie in apart wurkboek foar.

De metoade *Flotwei Frysk* is sa’n tsien jier meigien. Yn 2003 koene de skoallen mei de opfolger oan ‘e slach: *Freemwurk*. De nije metoade makke wol ûnderskied tusken it vmbo oan de iene en de kombinaasje vmbo-t / havo-vwo oan de oare kant. In oar ferskil wie dat de leardoelen foar it Frysk diskear oars formulearre waarden as dy foar it Nederlânsk. It hie bliken dien dat it in yllúzje wie om te tinken dat learlingen yn acht jier basisûnderwiis likefolle oan Frysk as oan Nederlânsk opdiene.

De oanpassing gie sels safier dat *Freemwurk* it Frysk oanbea as wie it in frjemde taal, krekt

as it Ingelsk en it Dútsk. Foardiel dêrfan wie dat bern dy’t fan hûs út net Frysktalich wiene, net al op foarhân op in net mear yn te heljen efterstân set waarden. Foar Frysktaligen bea *Freemwurk* ekstra learstof om har fierder yn de taal te ferdjipjen. Yn 2006 kaam der op ynternet ek in digitale ferzje fan *Freemwurk*.

Yn 2012 makke it provinsjebestjoer jild frij foar *Boppeslach*, in program om swakke skoallen út de nederklits te helpen. Ek it ûnderwiis yn it Frysk moast dêryn meidraaie. De Afûk hat dêryn foarsjoen mei *eduFrysk* en mei it foar *Freemwurk* ûntwikkele digitale materiaal. Se ha dat yn 2014 dien yn ‘e mande mei leararen út it fuortset ûnderwiis en mei meiwurkers fan Cedin en Omrop Fryslân. Tagelyk is de namme fan de metoade fan *Freemwurk*

feroare yn *Searje 36*. Dy namme ferwiist nei it oantal fan 36 lessen dêr't de metoade út bestiet.

It grutte ferskil mei *Freemwurk* is dat *Searje 36* folslein digitaal oanbean wurdt. Dêryn rint de Afûk foarop. By de oare edukative útjouwers yn Nederlân is noch altyd it boek it útgongspunt en binne de digitale ferwurkingsmooglikheden der meast op ta.

It materiaal foar *Searje 36* is, behalve út *Freemwurk*, ôfkomstich út tydskrift LinKk, de Kanon fan de Fryske skiednis en it hark- en sjochmateriaal fan SkoalTV. Fierders binne der edukative taalgames opnommen en is der in kultuerline, mei saken dy't in dosint Frysk troch it skoaljier hinne tsjinkomt, sa as it FeRstival en SjONG!.

Tagelyk wurdt der wurke oan in *Searje 36* foar de twadde en de hegere klassen fan it fuortset ûnderwiis. It Frysk is foar dy klassen net ferplicht, mar der binne wol skoallen dy't it oanbiede.

Games

Wichtich ûnderdiel fan de nije lesmetoaden binne de games. Se wurde benammen ynset foar de ûnderdielen fan it taalûnderwiis dêr't bern fan eardere generaasjes meastal net de bêste oantinkens oan hawwe, lykas de stavering en de grammatika.

Foar de midden- en boppebou fan de basisskoalle hat de Afûk yn oparbeidzjen mei Grendel Games út Ljouwert *De meunstertún* ûntwikkele. Mei it útfieren fan stavering-, wurdskat- en grammatikaopdrachten kinne de learlingen de bisten yn de meunstertún fersoargje en

tefreden hâlde. Wat better as dat slagget, wat hurder as it oantal meunsters en de rige besikers groeit.

Bern út it fuortset ûnderwiis krije stavering en grammatika better yn 'e macht troch *Twastriid* te spyljen. Dêrby wurdt de klasse opdield yn twa groepen dy't mei it útfieren fan opdrachten jild fertsjinje en in stêd bouwe kinne. De krêft fan de beide games is dat dy har automatysk oanpasse oan it nivo fan de spiler en dat ek de minder goede learlingen kâns hawwe om te winnen. Allinne al út de reaksjes fan de bern wit Lisa Boersma dat de games oan harren doel beäntwurdzje.

'Bern út it fuortset ûnderwiis krije stavering en grammatika better yn 'e macht troch *Twastriid* te spyljen.'

'Leararen makken yn it begjin noch wolris beswier, om't se tochten dat de games fierste dreech wiene. Dat pakte oars út. Bern witte alles fan games, se fine sûnder de ynstruksjes fan de learaar wol út hoe't dy wurkje. De game jout de bern feedback en de learaar kin op syn beurt klassikale stipe jaan wêr't dat nedich is.'

'*De Meunstertún* wurdt by workshops op skoallen troch ús faak oan it lêste ta bewarre. At de dosinten it ienkear sjoen hawwe, wolle se faak allinnich noch mar dat spultsje dwaan. Dosinten en learlingen

freegje faak ek oft de game thús spile wurde kin. Der hat sels ris in learling op âldjiersjûn ynlogd om syn Meunsters te fersoargjen, sadat se nei de fakânsje net op apegapen lizze soenen.'

Beropsûnderwiis

Soms is it net in wetlike ferplichting, mar in praktyske needsaak dy't in ûnderwiisinstelling yn de earmen fan de Afûk driuwt. Sa kloppen ROC Friese Poort en it Friesland College – beide skoallen foar middelber beropsûnderwiis – in pear jier lyn by de Afûk oan om't se wat oan it Frysk dwaan woene.

De ôfdieling ûnderwiis is op 't heden drok dwaande om foar in oantal sektoaren programma's op maat te meitsjen. Se binne úteinset mei soarch en wolwêzen, letter folge ûnder oaren hannel en ekonomy en grien. ■

Fan pjut oant professor

Se hat in oantal kearen mei eigen eagen sjoen dat in jonkje of in famke de hân triomfantlik ta in fûst kniep en mei sichtbere wille 'yes' sei. Net om't it in lotterij wûn of de haadrol yn de skoalmusical krigen hie, mar om't it 'bêd' goed skreaun hie. Of 'gers'. Op sokke mominten wit Lisa Boersma dat der in takomst is foar it Frysk.

De ôfdieling ûnderwiis – dy't mei de kursussen foar folwoeksenen de poat 'taaloerdracht' fan de Afûk foarmet – stiet ûnder lieding fan Lisa Boersma. Se makke fjouwer jier lyn de oerstap fan de Grinzer útjouwer Noordhoff nei de Afûk.

Neidat se har stúdzje Nederlânsk yn Grins mei de masters taalbehearsking en edukaasje ôfsletten hie, kaam se yn Emmen foar de klasse te stean. Se joech dêr les oan havo- en vwo-learlingen. It gie har goed ôf neffens eigen sizzen, mar se hie wol it gefoel dat se de hiele dei wat toaniel stie te spyljen. Dat de Lisa Boersma yn en de Lisa Boersma bûten it klaslokaal net ien op ien mei-elkoar gearfoelen. Foar in skoftsje net sa slim, foar in libbenslange karriêre net ideaal. Se stuts yn ferhâlding in soad tiid yn it taryeden fan 'e lessen. De útdaging om

ûnderwerpen – mei it tapassen fan alderhanne helpmiddels – sa oantreklik mooglik te presintearjen, gie se alle kearen mei nocht oan. Doe't se de kâns krige om by útjouwerij Noordhoff yn Grins fan it ûntwikkeljen fan learmiddels har berop te meitsjen, griep se dy dan ek mei beide hannen oan.

Lang hat it ferbliuw by de Grinzer útjouwer net duorre. Fjouwer jier lyn kaam it momint dat se kieze moast tusken fakatueres by Noordhoff en de Afûk. By beide soe se har útlibje kinne yn it betinken en it meitsjen fan nije learmiddels.

Dat it de Afûk wurden is, hie te meitsjen mei it lytsskalige en de sfear dy't dêrby heart. 'Noordhoff is in grutte útjouwer dy't konkurrearje moat mei oare útjouwers: it is dêr folle saakliker. By de Afûk hoechst net by alles watst betinkst fuortendaliks oan it





rendemint te tinken. En net ûnbelangryk: ik bin yn it Frysk grutbrocht. De taal luts my ek.'

Der wol yn grutbrocht, mar it eins noch noait skreaun. Dat wie al wat in drompel dêr't se oerhinne moast. Yn de begjintiid hie se de gewoante om fan har teksten earst in kladferzje yn it Nederlânsk te meitsjen, en dy dêrnei mei help fan in wurdboek en kollega's yn it Frysk oer te setten. Mar dêr is se al rillegau fan ôfstapt. In Afûk-kursus en gewoan in soad Frysk skriuwe hawwe har oer de barriêre hinne holpen. Sûnt twa jier is se projektlieder ûnderwiis.

Begjin 2018 kaam nei bûten dat it der net sa bêst foarstiet mei it ûnderwiis yn it Frysk. Noch gjin 30 persint fan de basisskoallen foldocht oan de noarmen dy't foar it fak opsteld binne. In grut part fan de skoallen hat mei sukses tastimming frege om de Fryske taalles te ferfangen troch in foarm fan projektûnderwiis.

'Oer in oantal jierren hawwe wy passend lesmateriaal foar alle skoallen en nivo's.'

Sifers dêr't immen mei leafde foar it Frysk net fleurich fan wurdt. Lisa Boersma ferkeart yn de befoarrjochte posysje dat sy en har kollega's it ferskil útmeitsje kinne. Se is derfan oertsjûge dat as it slagget om moai, oansprekkend lesmateriaal te ûntwikkeljen en fan it Frysk in hip en eigentiidsk fak te meitsjen, it ûnderwizend personiel yn Fryslân dat fansels oppikt.

Lisa Boersma: 'Oer in oantal jierren hawwe wy passend lesmateriaal foar alle skoallen en nivo's, fan pjut oant professor. Dan leit der in basis dêr't wy op fierder bouwe kinne. As wy de kâns krije om yn te spyljen op de nijste ûnderwiisûntwikkelingen en ús materiaal by de tiid te hâlden tink ik dat wy elkenien entûsjast meitsje kinne foar it Frysk en it belang dêrfan ynsjen litte kinne.' ■

Jouwe jo dy kursus of docht jo man dat?

De lesjouwens giene sels op jacht nei kursisten, se barden it kursusjild rjochtstreeks fan de dielnimmers, se bepaalden sels hokker boeken oft se brûkten. Sa wie de situaasje doe't Koen Eekma direkteur fan de Afûk waard yn 1990. De fraach, of better sein, de opdracht wie: 'Stroomlijne'.

In soarte zyp'ers wiene it, de lesjouwens fan de Afûk begjin jierren tachtich. Lytse selsstannigen. Wa't op Fryske les woe, melde dat net by de Afûk, mar by Piter of Margje yn it eigen doarp. Of by de Piter en Margje fan in doarp fierderop. Dat wiene de minsken dy't dêr foar trochleard hiene, dat wiene de minsken dy't de analfabeten-yn-eigen taal it Frysk skriuwen leare koene. Dy lesjouwens hiene der belang by om alle jierren ien of twa kursussen te jaan en giene alle jierren sels op syk nei potinsjele Frysklearders.

'Jild fergrieme oan in seal wie der net by.'

Yn septimber wie der alle jierren in gearkomste foar alle lesjouwens yn it gebou op 'e hoeke fan de Emmakaai en de Kanaalstrjitte yn Ljouwert. Op souder,

dêr't de temperatueren simmerdeis soms ta ûndraachlike hichten oprûnen, wie in fergadersealtsje. Gewoanwei wie der plak foar sa'n 25 minsken, de 60 lesjouwens stiene by de ynstruksjes foar it nije seizoen it sealsje út en ferspraten har oer de gong en de redaksjeburelen fan wykblêd Frysk & Frij op deselde ferdjipping. Jild fergrieme oan de hier foar in gruttere seal wie der net by.

Mei de komst fan de nije direkteur feroare dat. It regeljen fan de kursussen waard net langer oan de lesjouwens oerlitten, mar waard al rillegau in oangelegenheid fan de Afûk. Ien fan de foardielen dêrfan wie dat, as twa byelkoar yn 'e buert lizzende doarpen te min dielnimmers hiene, der troch it gearsmiten fan de lapen dochs in kursus komme koe.

Yn septimber ferskynden der advertinsjes yn de kranten en waarden der rûnom



folders ferspraat. De wiken dêrnei rinkele de telefoan oan ien tried wei. De kursussen lutsen yn trochsneed tusken de 1.000 en 1.200 dielnimmers, fierwei de measten melden har dêr telefoanysk foar oan.

Noch net elkenien hie fan Koen Eekma heard en dus hie noch net elkenien yn 'e gaten dat de Afûk midden yn in reorganisaasje siet. Hermien van der Meer, ien fan de telefoanopnimbers út dy tiid, wit noch dat in beller har oait frege: 'Jouwe jo dy kursus sels of docht jo man dat?'

Nei it sluten fan de ynskriuwing folge de ferdieling fan de dielnimmers oer de kursussen en de lesjouwens. De kursisten hoegden it kursusjild ek net mear oan de dosinten te beteljen, mar koene dat oermeitsje nei de Afûk.

Ek oan de frijheid fan lesjouwens om har eigen kursusmateriaal út te sykjen kaam yn dy jierren in ein. Dick Eisma, Bouke Oldenhof en Jelle Bangma waard frege om lesboeken te skriuwen. Dy soene tenei by de kursussen ynbegrepen wêze.

Nij wie ek dat de kursisten in evaluaasje-formulier meikrigen, dêr't se har oardiel op jaan koene oer de gong fan saken. Krytyk wie der soms op it nivo fan it lesmateriaal – wat de ien te dreech fûn, wie foar de oar de maklike kant it neist – mar oer de lesjouwens en de sfear fan de lessen faak oars net as goede reaksjes.

'Minsken krûpe graach mei elkoar om 'e tafel.'



In Afûk-húskeamerkursus yn 1975.

Gjin niget, neffens Koen Eekma: ‘Dy minsken sieten dêr frijwillich, de motivaasje wie heech. Dy lessen wiene foar de measten in útsje. Dat is ek de reden dat der noch altyd in soad fraach is nei groepskursussen. Frysk leare kin tsjintwurdich likegoed mei yn ynternetkursus, mar de minsken krûpe graach ien kear yn ‘e fjirtjin dagen mei elkoar om ‘e tafel. Fan de kursisten – en dat binne der noch altyd sa’n 1000 – kiest 10 oant 15 persint tsjintwurdich foar selsstúdzje, de oaren wolle leaver yn in groep.’

Copyshops

It wurd profesjonalisearring dúkte hieltyd faker op. Konsekwinsjes hie dat benammen foar de lesjouwers. De saneamde Afûk-akte – in applikaasje foar minsken dy’t leargong C

folge hiene – joech tenei allinne noch it foech om de lessen foar leargong A te fersoargjen. Foar it lesjaan oan de leargongen B en C kamen inkeld noch dosinten yn ‘e beneaming mei minimaal in twaddegraads foech fan de learare-oplieding.

In oare fernijing wie dat der neist de trije bewende leargongen nije, spesjalistyske kursussen kamen. Wa’t dat woe, koe him yn in aparte kursus bygelyks ferdjipje yn de literatuer, de skiednis, it Aldfrysk of it Noard-Frysk.

Dêrneist wie der de technyske foarútgong, dy’t hieltyd mear mooglik makke. Dat begûn mei it printsjen fan boeken. Wie it jierrenlang de gewoante om lesboeken yn hege oplagen

te meitsjen om’t soks goedkeaper wie, mei de komst fan de copyshops waarden lytse oplagen ynienen in stik foardieliger. Oan it begjin fan it kursusseizoen waard krekt safolle lesmateriaal printe as dat nedich wie. In bykommend foardiel: neat ferhindere de skriuwers fan de lesmetoaden om de boeken elk kursuspier oan te passen.

Noch folle yngripender as de komst fan de copyshops wie de ûntjouwing fan ynternet. Yn 2006 hiene genôch Friezen in kompjûter thús en wie ynternet fier genôch yn it maatskiplike ferkear trochkrongen om dêr as kursusunstitút by oan te heakjen. Mei it spesjaal foar ynternet ûntwikkele eduFrysk soe elkenien him tenei op it Frysk stoarte kinne, wêr en wannear’t him dat útkaam. It probleem wie dat de ôfdieling taal en kultuer fan de provinsje dêr op dat momint gjin jild foar hie. Wol bestie der by de provinsje in potsje mei de namme *Fryslân Fernijt*. Dat wie eins ornearre foar startsubsydzjes foar nije ekonomyske aktiviteiten. De earste reaksje op it berop fan de Afûk op dy jildstream wie: ‘Dat eduFrysk mei noch sa ynnovatyf wêze, der is gjin ekonomysk belang mei tsjinne.’

‘Frysk prate is de helte fan it saken dwaan.’

Koen Eekma hat prate moatten as Brugman, mar it is him by eintsjebeslút slagge om dúdlik te meitsjen dat dat ekonomyske belang der wis wol wie. ‘As minsken goed Frysk prate, rêde se har better yn it ekonomyske ferkear. Bedriuwen hawwe foardiel fan it Frysk, se hawwe der belang by. Hoe faak komt it net foar dat ien seit: “Jo prate Frysk, dan kinne wy ek wol gewoan dwaan.” Dat is de helte fan it saken dwaan.’

Soad geduld

Mei de 100.000 euro dy’t frijkaam koe in begjin makke wurde mei de ynternetaktiviteiten fan de Afûk. Buro KLEI út Ljouwert makke in earste opset, in pear ‘jonge hûnen’ fan de nije multymedia-oplieding fan de Noardlike Hegeskoalle Ljouwert wurken it fierder út. Willy van der Meer fan de Afûk fersoarge it ynhâldlike part.

It taallearen krige dêrmei in hiel oar oansjen. De teksten mei wurdsjes en taalregels waarden oanfold mei audio- en byldfragminten, de kursisten koene al oefenjend daliks sjen wat se goed en ferkeard diene. In probleem wie wol dat noch lang net elkenien op de kabel of de glêsfazel oansletten wie. Ynternette oer de telefoankabel frege geduld. In soad geduld soms. Tagelyk feroare der fan alles by de tradisjonele kursussen. De Afûk-akte waard ûnderbrocht by de NHL, ek de leargongen B en C giene op ‘e skeppe. De minsken dy’t har foar dy kursussen opjoegen, diene dat om’t se belangstelling hiene foar taal, skiednis, literatuer en Fryske kultuer, sûnder dat se al te folle wearde hechten oan in diploma. De leargongen B en C krigen nije nammen – Frysk & Fryslân 1 en 2 – en de diploma-útrikking oan de ein fan de kursus ferdwûn. Dat skeelde de kursisten in soad lear- en stampwurk.

Ek de begjinkursussen krigen in oar oansjen en oare nammen. Sa waarden alle leargongen opdield yn twa dielen en koene de dielnimmers sels útmeitsje oft se dêr ien of twa jier oer diene. De eardere kursussen ‘Fries voor niet-Friestaligen’ hieten tenei: LearmarFrysk 1 en 2 en PraatmarFrysk 1 en 2. Leargong A waard SkriuwmarFrysk 1 en 2. ■

Gjin swiere kost by jûntiid

De reden wêrom't minsken Frysk leare wolle by Sjoerdsje Veenstra-Paulusma is soms tige ferrassend. Wat te tinken fan in frou dy't seit: "Ik heb een Fries paard, ik wil Fries leren."

Sjoerdsje Veenstra-Paulusma (70) út Oerterp is it libbene bewiis dat goed ûnderwiis ûnmisber is foar de ûntjouwing fan in bern en en foar de takomst fan it Frysk.

Har earste lessen Frysk krige se op 'e legere skoalle op De Tike. Alle wiken in oere. Har master wie P. de Jong, skriuwer fan in oantal romans (*Heidebern* wie syn bekendste) en berneboeken. 'Dat wie it begjin fan myn ynteresse foar it Frysk.'

Troch master De Jong kaam Sjoerdsje yn 'e kunde mei it Frysk as skriuwtaal. Doe't de stavering yn 1980 feroare, wie dat in moaie oanlieding om har dêr fierder yn te ferdjipjen. Se folge de kursussen B en C, helle de akte en learde dêrnei oan de dieltiidopleiding fan de NHL nochris fjouwer jier foar MO-A. Se joech kursussen, en slagge by Tresoar oan in baan op it argyf en as skriuwster fan skriuwersbiografyen.

De ôfrûne jierren beheint se har as lesjoster ta priveelessen – se hie ûnder oaren de lêste

trije boargemasters fan Opsterlân as learling – en de yntinsive kursussen Frysk op de Folkshegeskoalle op Skylge.

'Fiif dagen achterelkoar Fryske les, dat is hiel wat oars as ien kear wyks twa oeren. Sitst mei-elkoar op 'e boat en yn it taksybuske, ytst mei-elkoar, bist hast de hiele dei yn deselde romte. De lessen binne moarns, middeis en jûns, acht oeren op in dei. Nei it middeisiten ha se frij oant healwei fjouweren. Dan kinne se in ein te fytsen, mar hast der ek guon by, dy binne sa wurch, dy geane op bêd.'

De grammatika dogge Sjoerdsje Veenstra en har kollega's safolle mooglik moarns en middeis, as de dielnimmers noch fris binne. De jûnen binne foar it werheljen en it tapassen fan wat se earder op 'e dei leard ha, gauris yn de foarm fan konversaasje-opdrachten. Sjoerdsje Veenstra: 'Sjochst oan de hollen wol dat de minsken wurch wurde,



faak krije se in reade kleur. Dan witst datst net mear mei al te swiere kost oankomme hoechst.’

De measte kursisten melde har oan om’t se fanwegen it wurk nei Fryslân ferhuze binne en yn har funksje achte wurde it Frysk op syn minst te ferstean. Boargemasters, hege amtners, rjochters, rjochtbankpresidinten, kommissaris fan de kening John Jorritsma, se hawwe allegear by Sjoerdsje Veenstra yn it skoalbankje sitten.

De ferskillen binne faak grut, de ien hat dúdlik mear oanlis om in taal te learen as de oar. Se neamt de namme fan Guus van den Berg, oant foar koart de heechste amtner op it Provinsjehûs. Hy hie net allinne oanlis, hy wie ek fanatyk. Sjoerdsje Veenstra: ‘Hy frege my nei de kursus oft ik him partikulier noch in skoft lesjaan woe. Dat ha ’k krekt salang dien oant syn siktaresse sei dat er al sa goed Frysk prate, dy lessen hoegden net mear.’

Der binne ek kursisten fan wa’t Sjoerdsje Veenstra en har kollega’s nei de earste dei al witte: ‘Dit wurdt ’m net.’ De measten sitte dêr wat tuskenyn en dat is faak goed te hearren as in ferslachjouwer fan Omrop Fryslân sa’nien in mikrofoan ûnder de noas triuwt.

Ald-kommissaris John Jorritsma hearde ek ta dy tuskenkategory. Sjoerdsje Veenstra: ‘Mar hy die ferskriklik syn bêst en sa’t er de taal letter spruts, dat wie prima. Hy hat it inisjatyf doe ek nommen en in hiele ploech amtners en boargemasters op sleeptou nommen.’

Spitich is neffens Sjoerdsje Veenstra wol dat de yntinsive kursus tsjintwurdich beheind is ta ien wike. Earder kamen de kursisten fjouwer wike letter werom foar in

ferfolchkursus. ‘No sizze de minsken nei ôfrin faak dat se hiel graach nochris weromkomme wolle om de taal noch better te learen, mar yn ’e praktyk komt dat der noait fan. De minsken hawwe it tsjintwurdich folle drokker.’

Neist minsken dy’t it Frysk leare yn ferbân mei in nije baan, binne der ek partikulieren dy’t har opjouwe. ‘Tk hie lêsten in pear minsken út Amsterdam, dy hiene in twadde hûs yn Gaasterlân kocht. Dy woene mei de buorlju dêr Frysk prate kinne. En dan ha ’k ek noch dy juriste hân dy’t Frysk leare woe om’t se in Frysk hynder hie. Se wenne yn Amstelveen en kaam alle kearen spesjaal foar de Fryske les diskant út. Letter is se nei Fryslân ferhuze.’ ■

Minder selskippen, mear maatskippij

De Afûk is de ôfrûne jierren net allinne útwreide kwa taken en personiel, ek de bestjoersstruktuer is yngeand feroare.

Fanâlds wie it bestjoer fan de Afûk gearstald út fertsjintwurdigers fan it Kristlik Frysk Selskip, it Roomsk Frysk Boun, it Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse en de Ried fan de Fryske Beweging. Ein jierren tachtich, begjin jierren njoggentich kaam dêr feroaring yn.

Under it respektiflike foarsitterskip fan âld-boargemaster Jaap Maris fan Dantumadiel en wethâlder Wietze de Haan fan Lemsterlân waard earst de bân mei al dy selskippen trochsnien en waard net folle letter de ferdieling deistich bestjoer en algemien bestjoer ferfongen troch dy mei in bestjoer en in advysried.

Bestjoersleden wurde sûnt keazen op grûn fan persoanlike kwaliteiten, tagelyk wurdt derop tasjoen dat se ôfkomstich binne út in ferskaat oan maatskiplike sektoaren. Op ’t heden is Eric ter Keurs (âld-boargemaster fan Tytsjerksteradiel) foarsitter, Wybe Sierksma (ynspirearjend riedsman, ûndernimmer en tafersjochhâlder) ponghâlder, Geesje Duursma (selsstannich ûndernimmer en adviseur) skriuwer en binne Annigje Toering

(âld-ûnderwiisadviseur en -steatelid) en Tjalling van der Goot (abbekaats) gewoan lid.

Ek by it gearstallen fan de advysried (Gelkje Schotanus, Frits Mostert, Wiebe Wieling, Hilda Boesjes, Oebele Brouwer, Tom van Mourik en Geert Jan Douma) wurdt derop tasjoen dat in ferskaat oan maatskiplike sektoaren dy’t foar de Afûk fan belang binne, fertsjintwurdige is. De leden fan dit momint komme út it bedriuwslibben, de soarch, it ûnderwiis, it toerisme, justysje en de oerheid. Hja tinke mei oer de fraach hoe’t it Frysk in better plak kriget yn it eigen domein, tagelyk trede se yn de eigen rûnten op as ambassadeur fan it Frysk en de Afûk.

In bestjoer en in advysried dy’t mei soarch gearstald binne, drage deroan by dat de Afûk goed ynbêde is yn Fryslân. It draachflak dat dêrtroch ûntstiet is fan grut belang, ûnder oaren by it ompartsjen fan de subsydzjes. Wat grutter de belutsenheid fan de sektoaren dêr’t de Afûk him op rjochtet, wat oertsjûgjender de argumenten yn de subsydzje-oanfragen. ■

keukenfrysk fan it hert, troch de moster fan 'it wiere Frysk' fitere. Yn de gearkomsten – 'ek al sa'n wurd' – foelen wurden lykas 'oerlisfermidden', 'lykwols', 'likernôch' en 'lykwicht'. 'Ik kaam wolris thús dat ik tsjin Ity sei: "It binne wer allegear liken yn Baarderadiel."

Hy stuts dêr net allinne in moai mûltsjefol Frysk op, hy ûntduts yn dy sân jier yn Winsum ek dat er mear aardichheid oan de organisatoaryske kant fan it ûnderwiis hie as oan it rekkenjen en lêzen mei bern. Nei't er earst in oantal jierren MO-Nederlânsk dien hie, stoarte er him dêrnei op de ûnderwiiskunde en folbrocht er de foar ambisjeuze skoalmasters klassike rige MO-A/MO-B/Doktoraal.

Hy rekke oan it wurk by it Projekt Lytse Skoallen, dêr't er him trije jier lang ynsette foar de yntegraasje fan it legeren it beukerûnderwiis en foar it behâld fan plattelânsskoallen. Dêrnei wurke er sân jier by it Mienskiplik Sintrum foar Underwiisbegelieding. Yn de Stellingwerven learde er om linich om te gean mei it Frysk yn in omjouwing dêr't net elkenien likefolle mei dy taal ophie. Yn stee fan it ferplichte Frysk krige it fak 'heemkunde' in plakje yn it basisûnderwiis. In fak dat romte joech oan it Stellingwerfs en dochs ek oan it Frysk.

Yn 1990 kaam de Afûk op syn paad. Dy wie yn 'e rin fan 'e jierren fan in organisaasje mei frijwilligers en freelance lesjouwens útgroeid ta in lyts profesjoneel buro ûnder lieding fan Rindert Straatsma. Eekma soe it as opfolger fan Straatsma earst in jier oansjen; as it fan beide kanten goed befoel, soe er in oanstelling krije foar ûnbepaalde tiid.

Dat soks útrinne soe op in arbeidsrelaasje fan goed 27 jier hie er doe net tinke kind. Efternei ferklearret er it mei te sizzen: 'It wie de moaiste baan dy't ik my foarstelle koe.'

Noch altyd komt er op plakken dêr't er him ferantwurdzje moat foar it wurk dat er docht. 'Dan freegje se: bisto sa'n djipfries? Yn it begjin miende ik dat ik dêr tsjinyn gean moast. No fertel ik gewoan wat ik doch, wat de Afûk docht. Dat wy kursussen jouwe, learmiddels en boeken meitsje, Lân fan Taal mei op poaten set ha. Ik fertel dat ik dwaande bin mei it fersterkjen fan in taal dy't hiel ticht by my stiet, dat ik dat doch troch moaie produkten op 'e merk te bringen. Dat ik de moaiste baan fan 'e wrâld ha.'

Fan it rychje Omrop Fryslân/Fryske Akademy/Tryater/Afûk is de lêste de iennichste dy't it befoarderjen fan it Frysk eksplisyt as doel hat. As it om de fraach giet oft Frysktalige ynstellingen der ek binne om it brûken fan it Frysk te befoarderjen, wurdt gauris ferwiisd nei it histoaryske artikel fan dichter/politikus Fedde Schurer yn literêr tydskrift *De Tsjerne*, fuort nei de oarloch: 'De ferbining ferbrutsen'. Schurer skriuwt dêryn dat in folwoeksen literatuer op himsels stiet en net tagelyk in propagandamiddel foar de taal hoecht te wêzen.

Net allinne skriuwers hawwe har de wurden fan Schurer eigen makke, ek sjoernalisten, wittenskippers en teätermakers litte har der sûnt op foarstean dat se harren fak op itselde nivo útoefenje as harren kollega's yn oare parten fan it lân. Se moatte foar harren subsydzjes oan ryksnoarmen foldwaan en dêr wurde se ek op hifke. Tajaan dat harren bestean ek te meitsjen hat mei harren rol by

it befoarderjen fan de Fryske taal, komt it gefoel fan eigenwearde oer 't generaal net te'n goede.

Dêrmei ûnderskiedt de Afûk him fan dy oare organisaasjes. De meiwurkers kinne har der wol op foarstean litte dat se kwalitatyf goede learmiddels meitsje, dat se mei eduFrysk sels foaroprinne as it om digitale ûnderwiismetoaden giet, mar ûntkenne dat it Frysk de reden fan it bestean fan de Afûk is, dat kinne se net.

Eekma: 'By ús kinst ús passy foar it fak net los sjen fan de passy foar it Frysk. As wy nije minsken oannimme is dat ek ien fan de belangrykste kritearia. Moatst wat mei it Frysk ha, oars wurdst hjir net lokkich.' Ien fan syn grutste 'fertsjinsten' is, seit er, dat er altyd in lokkige hân hân hat by it oannimmen fan minsken. 'De Afûk is gjin amtlike organisaasje. De minsken dy't hjir wurkje, moatte – ôfsjoen fan dy passy foar it Frysk – kreatyf wêze, se moatte ferantwurdlikheidsgefoel ha en se moatte ûndernimmerskip sjen litte. Al dy minsken mei-inoar hawwe derfoar soarge dat de Afûk hieltyd wer nije produkten ûntwikkele hat. EduFrysk, Tomke, Praat mar Frysk, heit&mem, Lân fan Taal, der barde hieltyd safolle dat ik gjin reden betinke koe om op te stappen.'



In manager hat er him noait field. Dat is in wurd dat by him assosjaasjes opropt mei kontrôles op input en output, op rendemint en efficiency. 'Ik sjoch mysels leaver as in âlderwetske direkteur. As de man dy't de rjochting oanjout en dy't dat net allinne docht, mar yn oerlis mei syn meiwurkers.'

It organisearjen hat him altyd oanlutsen. Dat wie al sa doe't er him as hbs-learling

bemuoid mei it regeljen fan popkonserten yn jongereinsintrum De Meerpaal yn Snits, en dat wie noch sterker it gefal doe't er de oerstap makke fan skoalmaster nei skoalbegelieder. 'Ik bin mear ien fan de dingen deromhinne. By de welpen wie ik oanfierder, ek al wie ik net de spits. En by it skoaltoaniel stie ik net op it podium, mar wie ik regisseur. No bin ik útjouwer, gjin skriuwer. Wat ik doch, is oaren dy't yn har fak better binne as ik fasilitearje. In hiel tsjinstber fak.'

Hy rúst dat de Afûk sûnt syn komst likernôch – dêr is dat wurd wer – 750 boeken útjûn hat. En wylst hast elke skriuwer dy't in pear fan in kaft foarsjoene bledsiden yn it Frysk folkwattelle hat, mei eare yn de 'Nieuwe Encyclopedie van Fryslân' neamd wurdt, folget dêryn *Eelke Fouckensz* op *Eekhoff-prijs*. In rigel wyt, mear sit dêr net tusken.

Koen Eekma hat gelyk: direkteur wêze is in tsjinstber fak. Hielendal ûnferskillich lit de anonimiteit dy't dêrmei anneks is him dochs net. As er op in wat stille winterdei yn 'e skimer troch it Heer Ivostraatje rint, wiist er mei in miks fan grutskens en selsspot nei Obe, it gebou dat ûnderdak jout oan Lân fan Taal. 'Dat bliuwt, ek nei't ik al lang fuort bin.' ■





DIGITALE METOADE FRYSK foar it primêr ûnderwiis

Spoar 8 foar de ûnderbou:

- slút oan by oare ûnderboumetoaden, sa as Schatkist en Kleuterplein;
- mei tema's sa as de seizoenen, ferskillende feesten en it lichem;
- jout tagong ta tallezze ferhalen, ferskes, printeboeken, filmkes en taalaktiviteiten.

Spoar 8 foar de midden- en boppebou:

- bestiet út searjes fan 4 lessen mei tema's lykas Feest, Natuer en Technyk;
- hat 2 differinsjaasjenivo's en betsjuttingsfolle einoprachten;
- mei de adaptive staverings- en grammatikagame 'Meunstertún'.

Grip, it evaluaasjesysteem Frysk:

- in kar oan observaasje-yntрумinten, taalfersoarchings- en lêsbegrypsstoetsen;
- metoadebûn en metoade-ûnôfhinklik;
- keppele oan it Referinsjeramnt Frysk.

Mear ynformaasje en bestelle?
 Gean nei: www.spoar8.fr
 Of belje mei de Afûk: 058-234 30 70



 /spoar8





Foto: Powerhouse Company, Ossip van Duivenbode.

KOLOFON

Dizze útjefte fan de Afûk
ferskynt ek as nûmer 3 fan
kultureel tydskrift 'de Moanne'.

TEKST
Sietse de Vries

UNTWERP
BW H ontwerpers

FOTOGRAFY
Jacob van Essen

PRINTWURK
Van der Eems, Easterein

KORREKSJE
Ytsje Steen

www.afuk.nl